



Dij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXI, nûmer 4

winter 2022

ISSN 2352-8958

rêst op it wetter
as mei in folle m●anne
de nacht de dei ferdriuw

**byldhaikû fan
Henk Veenstra**

(1)




(2)



Byskriften:

- 1. Goaitzen Bosma as 'farske' ridder yn it habyt fan de Dútske Oarder (foto: Goaitzen Bosma; sj. s. 11).
- 2. De ridderslach fan Goaitzen Bosma op 29/05/2022 te Gemert (foto: Goaitzen Bosma; sj. s. 10).
- 3. Foarkant fan Bearend Joukes Fridsma (1905-2005) syn memoires 'Nea ferbrutsen bân' (Ljouwert: De Tille, 1991; sj. s. 14).
- 4 en 7: Struibrieven fan Sis Tsiis foar goed en foldwaande Frysk op skoalle (sj. s. 29).
- 5. Poarte yn it hûs fan de Dútske Oarder yn Utert mei 'Weest Ritder ende gûet man ende hoût ridderlijcke oerde' (foto: G. Bosma; sj. s. 10).
- 6. Bertus J. Postma: ús eigen plaknammen hearre 'fansels' ek yn it Frysk! (sj. s. 12).
- 8. Minister Ernst Kuipers hie de faksinaasje foar koroana net goed regele (B.J. Postma; sj. s. 13).



It Frysk is noch altiten in ûnderdrukte taal!

It Frysk is yn de praktyk fan it deistige libben noch altiten in ûnderdrukte en ferhúddúke taal. Likegoed yn it ûnderwiis. En dat al mear as twa iuwent! Sûnt de tiid fan Napoleon (om 1800 hinne) hinnie en de foarjich tiid (1901) is it Frysk bestriden, opkeard en ferwaarlezge, lykas, wie it in besmetlike sykte. Yn de lêste desennja binne der yn de steatsnasjonale wet- en regeljouwing hiele lytse stapkes set nei ferbettering, mar men ferinnt amper wat fan in effektive ynfiering. Ek de formele erkenning fan it Frysk yn it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen (al ratifisearre yn 1996) hat yn de praktyk net lolle úthelle. Der is noch lang gjin sprake fan *lykbeochting* en *lykwaardigens* fan it Frysk oan it Hollânsk, dat ek yn Fryslân altiten it monopaole hie yn it offisjele ferkear. Op in lytse tal skoallen besykje guon learkrêften lokkich noch mei ymmodie it wol goed te dwaan. Dat kin lykwols hiel maklik frustrarearre wurde troch in negatieve hâlding fan de skoallieding. Dy meile as úttêrder dus nea op de stoel fan de wêljoewer sitten, gean en it is net goed te praten dat soke yn Nederlân altitenich foar it Frysk tasten is! Dat jout altitenich al de grutte swakte fan it hjoeddeistige taalbelied oan.




Alderele ynternasjonale wetenskaplik ûndersyk toant oan dat it negearjen fan in memmetaal, benammen as it in mindereidstaal is, taalemoede befoarderet en dat by goed taalûnderwiis bern mear talen leare kinne. Dat is moei it Frysk net oars. En foar fan hûs út oarstaligen is it Frysk fan grut belang fanwegen harren yntegraasje yn de Fryske mienskip en foar it krijen fan respekt foar de minsken en kultuer dêr't se yn libje.


It bytsje foer oer de keardoelen Frysk foar it basis- en fuortset ûnderwiis dat koartlyn fan it Ryk nei de Provinsje oerhevele is, is ek al wer bûn oan diskriminearjende betingsten. En dan giet it noch mar oer in part fan it ûnderwiis. Yn it beropsûnderwiis en yn de ekspertisintrâ (spesjaal ûnderwiis) is de oerprakt it noch altiten foarslein. Inklusjewend en net ferplichtjend. It sji't dus net op mei it Frysk yn it ûnderwiis en dat is tige nuodlik foar de takomst fan ús taal.

Doch ek mei oan ús kommende aksjes!
 Walle, jo ek aktyf meihepe? Tige wolkom! Dan jo efkes opjaan by:
ffupost@hotmail.com. Wy hawwe ferlet fan jo!

(6)



(8)



Ús eigen Taal (41)

Sytze T. Hiemstra

Kronyk fan in Klacht (I)

14 maart 2022: myn taalklacht oer in meiwurker fan de GGD Fryslân meld by de Provinsje nei earder telefoanysk oerlis

Foar: l.postma@fryslan.frl (Provinsje Fryslân)

Ûnderwerp: taalysidint by twadde ‘booster’-prip

Plak: GGD, Oprijlaan 3, 9205 BZ, Drachten (hal fan it eardere ‘Fries Congres & Paardencentrum’, faksinaasjelokaasje)

Datum/tiid: 14 maart 2022, 14:20 oere

Taalkonflikt by de twadde ‘booster’-prip yn it faksinaasjesintrum fan de GGD te Drachten

De frou en ik wiene yn it Hollânsk en it *Ingelsk* útnûge troch de GGD foar in twadde ‘booster’-prip (Covid-19). By eardere faksinaasjes, by de ûntfangst en by it prippen sels, kinne en wolle de measte meiwurkers ús Frysk ferstean. Gjinn swierrichheden oant safier.

1. As ik nei it ynintsjen mei it Moderna-faksin wat fierderop de wachtromte ynrin en wat lege stuollen sjoch om út te rêsten, freegje ik oan in GGD-meiwurker (man) dy’t efter in grutte tafel mei papieren (it plak om de griene kaart mei ‘Ik ben gevaccineerd’ yn te leverjen) sit, tagelyk mei myn wiisfinger op in lege stoel **wizend**, mei *fiif* wurden: **‘Kin ik dêr sitten gean?’**

Syn wol tige flotte reaksje, suver as in snút-slach: ‘Ik versta geen Fries. Er wordt hier gewoon Algemeen Beschááfd Nederlands gesproken.’ Mei de klam op *gewoon* en *beschaaft*.



Sytze T. Hiemstra

Ik: ‘En ik praat hjir Frysk. Dat moat dochs ek kinne?’

Hy: ‘Ik ben een Grunninger en versta geen Fries. U moet hier ABN spreken!’

Ik: ‘Dat liket my raar, want ik praat yn dizze provinsje in offisjeel erkende Rykstaal en dat kinne jo my net samar ûntsizze. Ek net op dit plak. Dat soe taaldiskriminaasje wêze.’

Hy: ‘En toch dient u Algemeen Beschaafd Nederlands tegen mij te spreken. Dat is hier de taal.’

Ik: ‘No haw ik wer in pear sinnen yn it Frysk tsjin jo sein. Jo hawwe my dus wol goed begrepen, want jo reagearje ynhâldlik op myn taal. Myn Frysk is dus foar jo as Grunninger wol deeglik nei te kommen. Sa grut binne de ferskillen ek wer net. Ik moat dus hast wol konkludearje dat jo myn fraach fan fiif wurden net ferstean wolle en dat jo dus net ‘ja’ sizze wolle as ik op in stoel yn de seal wiis.’

Hy (wat delbûgjend en licht gnyskjend): ‘Ja, en ik wíl het ook niet verstaan. En hierbij sluit ik de discussie.’ Hy seach wer nei ûnderen en ferfette syn wurk ...

Ik stie noch by syn tafel en hie myn reaksje foar de oanbelangjende meiwurker bewust mei in wat útset lúd jûn, sadat oaren yn de

[ferfolch begjint op side 5]

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 maart 2023. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitaal kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

Goaitzen Bosma, drs. Piter Dykstra, drs. Tom Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, dr. Bertus Jans Postma, Jaap Slager, Hilbert Vinkenoog, Tom Wester.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten (skathâlder) en Elly Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

Fan de redaksje

Tolve kolommen en artikels hat ús winternûmer diskear. En dêrby hawwe wy ek noch fiif stikjes út oare media oernommen. Ik sil se bylâns en alderearst neam ik Hilbert Vinkenoog, dy't mei in kollum oer Fryslân, de Friezen en Skandinavië yn de Midsiuwen debutearret yn *Nij Frisia*. Út Noarwein wei kin er him in moai relativearjend byld oer it heitelân foarmje.

Wy hawwe al sin oan mear. In oar nij lûd is fan Henk Veenstra, dy't ek foar it earst yn *Nij Frisia* stiet mei twa haikûs. Mear Midsiuwen yn it twadde diel fan Tom Wester syn trijelûk oer de East-Friezen. En fierder hinget de rook fan de Midsiuwen noch oan it ferslach fan Goaitzen Bosma oer it barren wêrby't er ta ridder fan de Dútske Oarder slein is.

Twa bydragen hawwe wy fan Jaap Slager: behalven in kollum oer de yntryste oarloch yn it easten fan Europa en in oersetting fan in leafdesliet fan Collin Ray. Twa bydragen ek fan Bertus Postma. Hy sit deroer yn noed oft Kuipers wol goed genôch oer ús sûnens wekket en hy sprekt de Ried fan de Waadhoeke oan om dy te bekearen ta eigentalige plaknammen.

Sytze Hiemstra is yn oanfarring kommen mei de *GGD-Fryslân* nei in tige ûnfatsoenlike behanneling by harren priplokaasje yn Drachten. Dat hat laat ta in klacht by Tûmba en de provinsje Fryslân. Hy docht ferslach fan de gong fan saken yn in kronyk. Om't der by *Tûmba* wol wat berikt wurde kin mei in klacht, haw ik dat foar *Sis Tsiis* ek dien fanwegen de diskriminaasje fan Fryske berneboeken troch de Dokkumer boekhandel fan Van der Velde. Mei Tom Dykstra hat Sytze foar de *FFU* in besprek skreaun fan it *Taalplan 2030* mei alles op in rychje wat der op ûnderwiismêd mis is: lêze!

Pieter Jan de Groot hat yn reaksje op it omtinken fan de *Ljouwerter krante* foar âld-haadredakteur Laurens ten Cate de polemik tusken him en perfester Bearend Joukes Fridsma ophelle. Om't Fridsma de grutste Jongfries om utens wie, wolle wy jimme syn kollum net ûnthâlde. De striid wurdt ek moai helder en skerp beskreaun yn in haadstik fan Fridsma syn memoires *De nea ferbrutsen bân*. Ten Cate woe yn syn arrogânsje Fridsma en de Fryske striid mar wat ôfdwaan as dom, koartsichtich provinsjalisme. Mar hy waard sa knap te plak setten troch immen dy't mear leard hie en mear fan de wrâld sjoen hie as hy, sadat er it net oandoarst en jou Fridsma romte yn de *Friese Koerier*.

In oare striid dy't De Groot yn in *Dwers*-kollum besprutsen hat, is dy fan en yn *Sis Tsiis*. De Groot hat op it stuit mear gelyk as ús nei it sin is. Mar dat kin ek wer feroarje. By de *JFM* hat it ek wolris in skoft wat stiller west.

In oar plak dêr't it fierstente stil bliuwt, is de Ried fan de Fryske Beweging. Sytze Hiemstra hat besocht dêr beweging yn te krijen op it juridyske mêd en yn de striid foar kulturele autonomy. It ferslach fan de gearkomste is oernommen út *It Nijs*.

In soad lêsnocht tawinske en oant yn it nije jier.

Piter Dykstra

By de foarside

Jûntiidsread, in haikû fan Henk Veenstra (1938; wenplak: Drachten). In haikû is in fan oarsprong Japanske dichtfoarm fan trije rymleaze rigels dy't út 5, 7 en 5 wurdliidden besteane, dêr't in yntins belibjen fan 'e natuer yn ta útdrukking brocht wurdt.

provinsje fryslân provincie fryslân



seal/romte it ek hearre koene en bin dêrnei mar nei in stoel ta rûn en dêrop swijend sitten gien.

2. Nei in lytse minút kaam der in twadde GGD-meiwurker, ek mei in soarte fan ‘GGD-hesje’ oan, de romte yn en de Grunninger joech him in wink. Beide mannen mûskoppen wat en de twadde meiwurker rûn dêrnei op my ta mei de meidieling dat it Algemeen Beschaafd Nederlands de taal wie en de Grunninger my net ferstean hoegde. Ik haw him wer útlein dat soks net tastien is omdat myn grûnrjochten, offisjeel fêstlein yn ynternasjonale en steatsnasjonale wet- en regeljouwing, hjirre dan skeind wurde, dat it Hollânsk yn Fryslân net it monopoalje hat en dat ik dêrom in offisjele klacht yntsjinje sil. Dan hie der mar ien efter de tafel sitte moatten dy’t it Frysk wol ferstean koe én woe. It makke blykber net folle yndruk, want hy rûn wer fuort.

3. Nei wer in lytse minút kaam der in froulike GGD-meiwurker op my ta, hie der blykber wat fan fernommen en woe my dúdlik meitsje dat elts op skoalle dochs Nederlânsk leard hie, dat ik dy taal dus wol koe en dat it dêrom ûnbegryplik wie dat ik dy taal net brûke woe tsjin in Grunninger dy’t gjin Frysk ‘ferstie’. Se prate sels Hollânsk en Frysk as dat better útkaam.

Ik haw har wer besocht te ferdútsen dat ik behalven Hollânsk ek wol bûtenlânske talen praat, bgl. yn De Haach, dêr’t ik geregeld by ús bern kom, en dat dêr genôch ymport is dy’t allinnich syn/har eigen taal praat of allinnich Ingelsk brûkt of ferstean wol. Dat is likegoed in soarte fan twang om jin mar te ferbrekken. Sa universeel is it Hollânsk yn Nederlân dus ek net, benammen net yn de grutte stêden fan de Rânestêd. Mar dat it yn myn gefal hjirre yn Drachten net allinnich in pragmatyske kwestje is, mar ek in prinsipiëlenien. En dat ik ien en oar trochjaan sil oan it diskrimaasjemeldpunt by de provinsje. Doe rûn hja ek (wer) fuort en ik freegje my ôf oft se it wol écht begrepen hie.

Koart dêrnei kaam myn frou nei har twadde ‘booster’-prip de romte ek yn, ik ferhelle har koart fan it taalysidint en sei dat ik sa gau mooglik nei hûs ta woe om myn klacht troch te jaan oan de provinsje. It wie no ommers noch farsk.

4. De ‘provinsje’ naam in kertier letter kreas yn it Frysk de telefoan op en ik koe op in 1-toets drukke as ik my mei dy taal net rêde koe. Ik die yn it koart myn ferhaal oan in meiwurkster, dy makke notysjes en soe ien en oar wer trochjaan oan in amtner dy’t dan wer telefoanysk kontakt mei my sykje soe.

In dei letter (15 maart 2022) naam de hear L. Postma, amtner fan de provinsje, yndied telefoanysk kontakt op en ik haw him mûnling it ‘taalysidint’ út de doeken dien. Ik wie der op dat stuit krekt mei oan ‘e gong om it ek efkes op papier te setten. It foarfal yllustrearret wer ris dat it Frysk noch lang net ‘gewoan’ is yn Fryslân, dat Friezen, faak op fyn ynleine wize, ‘twongen’ wurde harren te ferbrekken en dat dan ek mar (wer) dogge om fierder gjin spul te krijen. De measten sille grif ek gjin klacht yntsjinje of fine it mar ‘gewoan’ om op it Hollânsk oer te skeakeljen. Sa binne ommers net oars ‘wend’.

5. It wie in noflik en meilibjend petear mei de hear Postma en hy sei ta om myn klacht yntern te fersprieden, û.o. oan deputearre Sietske Poepjes. In reaksje nei my ta koe wol efkes duorje, want myn wjerfarren paste grif yn in wat wider ramt as allinnich dat fan de GGD en dan duorret it somtiden in skoftke.

Postma mei myn skriftlik ferslach trochjaan oan diskriminaasjemeldpunt Tûmba. Dat meldpunt kin faaks wat earder reagearje. Ik haw ôfpraat ien en oar no noch net op ‘It Nijs’ of yn in blêd (bgl. ‘Nij Frisia’, dêr’t ik redakteur fan bin) te publisearjen. Dat kin grif it bêste as alle relevante reaksjes ynkommen binne.

Yn ‘e ferhopinge dat myn melding fertuten dwaan sil, ek yn de rjochting fan de GGD.

Mei rju achtinge,
drs. Sytze T. Hiemstra,
Gerben Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN
0512-518927
ffupost@hotmail.com
sthiemstra@gmail.com



31 maart 2022: brief fan Diskriminaasje Meldpunt Tûmba oan GGD Fryslân op oanrieden Provinsje

Datum: 31 maart 2022

Onderwerp: Verzoek tot wederhoor

Referentie: K2-001224

GGD Fryslân
T.a.v. Klachtenfunctionaris
Harlingertrekweg 58
8913 HR Leeuwarden
NEDERLAND

Geachte heer/mevrouw,
Tot het Discriminatie Meldpunt Tûmba wendde zich dhr. S.T. Hiemstra uit Drachten met een melding over een mogelijk ongelijke, discriminerende behandeling. Hieronder treft u een verslag van deze melding. Deze brief aan u is bedoeld als verzoek om wederhoor.

Discriminatie Meldpunt Tûmba zet zich in voor een gelijke behandeling van iedereen die in Nederland verblijft. Wie zich ongelijk behandeld voelt, of meent dat derden ongelijk behandeld zijn, kan om ondersteuning vragen bij Tûmba. De eerste stap hierbij is de vraag van Tûmba aan beide partijen om hun standpunt toe te lichten. Het doel van de klachtbehandeling is het vinden van een duurzame oplossing.

Het verhaal van de melder:

“Onderwerp: taalysidint by twadde ‘booster’-prik
Plak: GGD, Oprijlaan 3, 9205 BZ, Drachten (hal fan it eardere ‘Fries Congres & Paardencentrum’, faksinaasjeloakaasje)

Datum/tiid: 14 maart 2022, 14:20 oere

Taalkonflikt by de twadde ‘booster’-prip yn it faksinaasjesintrum fan de GGD te Drachten

[dêrnei wurdt yn it briefmyn ‘verhaal’ letterlik oernom-

men en werjûn; sjoch hjirboppe, sth]

Tot zover het verhaal van onze cliënt. Tûmba vraagt u of u op deze melding zou willen reageren, zodat ook uw kant van het verhaal gehoord wordt.

Wij verwachten binnen 14 dagen van u een reactie te mogen ontvangen.

Met vriendelijke groet,

[w.t.]

Ajla Zildzovic Jegic

Klachtenconsulent Discriminatiezaken

19 april 2022; Hollânsktalige reaksje fan GGD Fryslân

TUmBa
Snekertrekweg 1
8912 AA Leeuwarden
Nederland

Datum: 19 april 2022

Onderwerp: Zienswijze klacht ongelijke behandeling

Geachte mevrouw Ajla Zildzovic Jegic

Op 31 maart hebben wij van u een klacht ontvangen. Uw klacht ging over de ongelijke behandeling van dhr. S.T. Hiemstra uit Drachten. Bij eerdere vaccinaties werden dhr. Hiemstra en zijn vrouw vriendelijk ontvangen en konden zij Fries spreken. De meeste medewerkers van GGD Fryslân konden en wilden hen verstaan. Wij betreuren het zeer, dat de ervaring bij de laatste vaccinatie zeer negatief was.

Wij begrijpen dat de ervaring zoals dhr. Hiemstra die beschreven heeft zeer vervelend moet zijn geweest. Dat hij zich als Fries niet kon uitdrukken in zijn eigen moedertaal, temeer omdat Fries een officieel erkende rijks taal is. Niet alleen kon hij zich niet in het Fries uiten, maar werd ook nog een aantal keren terecht gewezen, dat hij algemeen beschaafd Nederlands moest spreken. Dat spijt ons zeer.

GGD Fryslân is een Friese organisatie, draagt dit ook uit in haar naam en zet zich in voor alle inwoners in Fryslân. Ze verwacht van alle medewerkers dat zij Fries verstaan of zodanig machtig zijn dat ze de Friestalige burger kunnen begrijpen. Medewerkers die contact hebben met klanten schakelen, indien mogelijk, over op



de taal van de klant. Brieven en mails in het Fries worden in het Fries beantwoord. Fries wordt waar passend gebruikt in persberichten (citaten), sociale media en op de website. Bestuurders en woordvoerders gebruiken waar mogelijk en passend het Fries.

Als voorbeeld van onze inzet voor de Friese taal wil ik u graag wijzen op de ‘plombrief’ die wij in februari 2022 mochten ontvangen. GGD Fryslân-directeur Margreet de Graaf heeft van de Ried fan de Fryske Beweging een ‘plombrief’ gekregen voor het communiceren in de Friese taal met de inwoners van Friesland. Die pluim kreeg GGD Fryslân ook omdat ze Friese taal zichtbaar maken aan de hand van Friese opschriften. Bovendien krijgen kinderen die zich lieten testen, een Fries ‘Diploma voor moed’.

Wij zijn trots op deze pluim, voor de inzet van de Friese taal, maar het allerbelangrijkste binnen onze organisatie is respectvol en beleefd contact met elkaar, in welke taal dan ook.

De vaccinatie locatie in Drachten maakt naast medewerkers die in dienst zijn van GGD Fryslân, gebruik van personeel van uitzendbureaus en heel veel vrijwilligers, niet iedereen zal de Friese taal verstaan en of spreken. De uitgangspunten voor het gebruik van de Friese taal binnen onze organisatie zullen misschien niet altijd even duidelijk zijn geweest. Als organisatie verwachten wij dat alle medewerkers de mensen die voor een vaccinatie komen vriendelijk, beleefd en respectvol behandelen.

De directeur is op de hoogte gesteld van deze klacht. Het locatiehoofd vaccinaties in Drachten heeft alle medewerkers er op gewezen dat, als het mogelijk is, de taal van de klanten te gebruiken, of beleefd aan te geven dat je de taal niet machtig bent en/of verstaat. Wij gaan er van uit met de stappen die nu genomen zijn op de vaccinatie locatie dat een herhaling uit zal blijven.

De afgelopen jaren hebben meer dan een miljoen mensen onze locaties bezocht en er is niet eerder een klacht over taaldiscriminatie ingediend. Wij betreuren het dan ook zeer dat wij een klacht hebben ontvangen over dit onderwerp. De Friese taal en identiteit is onderdeel van onze organisatie.

Ik vertrouw er op u hiermee voldoende geïnformeerd te hebben.

Namens Nils van Mourik, afdelingshoofd Coronabedrijf GGD Fryslân

Met vriendelijke groet,

Miranda Huguenin
Klachtenfunctionaris GGD Fryslân
088-22 99 444
ggdkwaliteit@ggdfryslan.nl

27 april 2022: fan S.T. Hiemstra foar Tûmba oer behanneling taalklacht troch GGD-Fryslân (e-post)

Drachten, 27 april 2022

Ûnderwerp: brief (‘zienswijze’) GGD fan 19 april 2022 oer taalklacht ûngelikense behanneling fan S.T. Hiemstra

Achte mefrou Ajla Zildzovic Jegic,

Tige tank foar it trochstjoeren fan it GGD-brief (d.d. 19 april 2022) as reaksje op myn klacht oer it net tastean fan it brûken fan it Frysk troch in meiwurker fan de GGD yn Drachten. Mei wurdearring haw ik kundskip nommen fan de reaksje fan de GGD Fryslân. De GGD liket fandat op de goede wei te wêzen.

Inkelde wichtige sinnen út dy reaksje binne neffens my: ‘Ze verwacht van alle medewerkers dat zij Fries verstaan of zodanig machtig zijn dat ze de Friestalige burgers kunnen begrijpen.’ [...] ‘Die pluim kreeg GGD ook omdat ze Friese taal zichtbaar maken aan de hand van Friese opschriften.’ [...] ‘De vaccinatie locatie Drachten maakt naast medewerkers die in dienst zijn van de GGD Fryslân gebruik van personeel van uitzendbureaus en heel veel vrijwilligers, niet iedereen zal de Friese taal verstaan en of spreken. De uitgangspunten voor het gebruik van de Friese taal binnen onze organisatie zullen

misschien niet altijd even duidelijk zijn geweest.’ [...] ‘[...] er is niet eerder een klacht over taaldiscriminatie ingediend.’

Dat bringt my op de fraach oft der in skriftlik fêstlein *protokol* is by de GGD Fryslân dat dy dúdlikens wól jout oan alle fêste en losse meiwurkers en dat dy dat ek alle gearre ûnder eagen krije. Neist *ûnbekendheid* mei de taalregel(s) spilet ek it feit dat de measte Frysktaligen yn de rin fan de tiden der bewust of ûnbewust op kondisjonearre binne om harren te ferbrekken as se yn it Hollânsk oansprutsen wurde. Dat hie ek hiel maklik sa geankinnen by de Gunninger dy’t yn Drachten oan my it ABN ta iennichste noarm ferklearre en troch de ynstimming dy’t er krige fan guon fan syn GGD-kollega’s. As in meiwurker it Frysk wier net ferstean kin om in wichtige reden, *dan soe in mear Fryskkundige meiwurker deryn foarsjen moatte* dat der gjin ferbrekgedrach needsaaklik is. Soks soe foldwaande klearichheid jaan.

Ferbrekgedrach is benammen it gefolch fan mear as twa iuwen taaldiskriminaasje troch oerheden en oare ynstellings, it systematysk befoarderjen fan it ‘Nederlands’ en it trochgeand tebeksetten fan it Frysk. Troch sok breinwaskjen binne gâns Friezen derta wend om it ‘abnormale’ ‘gewoan’ te finen en dan sille se dus ek gjin klacht yntsjinje, noch ôfsjoen fan it feit dat soks in hiel ‘gedoch’ is en men aardich fêst yn jins skuon stean moat. De measten sille soks dêrtroch dan mar ‘gewurde litte’.

Pas de lêste desennia wurde de ‘natuerlike’ taalrjochten fan de Friezen ek mear fêstlein yn regels, wetten en ferdragen. Dy wurde lykwols noch lang net altiten neilibbe en sanksjonearre by it skeinen dêrfan. Dy befoarderje sadwaande mar foar in part de taalemansipaasje fan de Friezen, al meitsje se guon grif bewuster fan misstanden.

Yn dat ramt soe it fan grut belang wêze dat de GGD sa’n *protokol* makket as dat der net is en dat soks oeral *sichtber* makke wurdt op muorren en by moetingssplak-

ken by en mei meiwurkers. Bgl. troch buordsjes/kaartsjes/brieven mei de meidieling: **‘Jo kinne altyd Frysk prate mei ús meiwurkers’**. Dan is der gjin ûnwissigens en sille Frysktaligen har ek minder twongen fiele om har te ferbrekken.

Soene jo dy konkrete fraach fandatoangeande foarlizze wolle oan de GGD? Dan sil ik it andert dêrop foarlizze oan de provinsje Fryslân, dy’t op dat mêd ek in bewuste taalpolityk fiert en belangstelling hat foar de resultaten fan taalklachten by/oer oare ynstellings. Ien en oar nim ik dan wer op mei de oanbelangjende amtners dy’t soksake saken ferwurkje.

Omdat se by de GGD (ek) Frysk lêze kinne, hoege jo myn fraach net oer te setten yn it Hollânsk. Jo meie dit brief yntegraal (of relevante parten dêrfan) oernimme yn jo kontakten mei de GGD.

Jitris tige tank foar jins aksje(s) oant no ta en yn ôfwachting fan in twadde reaksje/ferdúdliking fan de GGD.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

S.T. Hiemstra,

Gerben Sondermanstrjitte 29

9203 PT DRACHTEN

0512-518927

ffupost@hotmail.com

sthiemstra@gmail.com

Hoe gong it fierder?

Sa’n taalklacht is in hiel proses en net elts sil de muoite nimme of him/har mar gau ferbrekke en de striid opjaan, sa liket my ta. Soks ferrint gauris ûnbewust, de (oer)macht fan de assimilearre (Hollânske) ‘gewoante’. Wy wiene en binne der noch lang net om ‘wier’ rjocht te dwaan oan it frijút praten (en skriuwen) fan *Ús eigen Taal*. Ek de Provinsje is dermei oan de slach gien. It gefolch mei in oersjoch fan de meast relevante aksjes en reaksjes komt dan ek yn it kommende nûmer fan *Nij Frisia*.

Goaitzen Bosma ta ridder fan de Dútske Oarder slein

Goaitzen Bosma*

yn gearwurking mei Sytze T. Hiemstra

Op 29 maaie 2022 is ús JFM-lid *Goaitzen Bosma* yn Gemert (Noard-Brabân) ta ridder fan de Dútske Oarder slein by in gearkomste fan de Dútske Oarder. In tige bysûnder barren dat ek in plakje fertsjinnet yn *Nij Frisia*.

Goaitzen Bosma hat earder yn *Nij Frisia* skreaun oer it Fryske eilân *Hilgelân*, oer de *Noardske Balke* (in muzykynstrumint dat ek it omtinken hân hat fan de bruorren Halbertsma en Waling Dykstra) en benammen oer de bân tusken de Dútske Oarder en Fryslân.¹ Oer de *Dútske Oarder* is yn dat ramt ek skreaun troch Sytze T. Hiemstra.²

Der is yn 2016 in ‘Stichting Friese huizen van de Duitse Orde’ oprjochte. It wichtichste doel is om de minsken histoaryske ynformaasje te jaan. De stifting hâldt nau kontakt mei de Balije fan Utert. Troch in nije weryndieling fan gemeenten (2014) lizze alle trije Fryske delsettings fan de Dútske Oarder no yn de gemeente *Hearrenfean*.

Sûnt 2014 is de Dútske Oarder, offisjeel *Ordo domus Sanctæ Mariæ Theutonicorum Hierosolymitanorum*, ek wer aktyf yn Gemert ûnder de namme *Ordo Domus Sanctæ Mariæ Theutonicorum Gemerth*.

¹ Goaitzen Bosma, ‘De “Noardske Balke”’ (*Nij Frisia*, jrg. LVII, nû. 4, des. 2018, s. 19-21); Goaitzen Bosma, ‘Deät Lun fan Djüster, Dolling en Mooin! Eat oer Hilgelân, de “passerpunt” fan de Fryske lannen ...’ (*Nij Frisia*, jrg. LXV, nû. 1, maaie 1916, s. 7-11); Goaitzen Bosma, ‘Ridders en muontsen yn Fryslân’ (*Nij Frisia*, jrg. LXVIII, nû. 1, maitiid 2019, s. 17-20).

² Sytze T. Hiemstra hat yn syn rubryk ‘Ús eigen taal [29]’ ek omtinken jûn oan de Dútske Oarder yn relaasje ta Fryslân: ‘Skiednis fan Fryslân of Fryske skiednis?’ (*Nij Frisia*, jrg. LXVII, nû. 4, des. 2018, s. 3, 5-8); Sytze T. Hiemstra skreau boppedat aardich wiidweidich oer de oarder yn ‘Ús eigen Taal [30]’, ‘Skiednis fan Fryslân of Fryske skiednis? (II), De Dútske oarder, de Fryslannen en de Friezen’ (*Nij Frisia*, jrg. LXVIII, nû. 1, maitiid 2019, s. 3-8).

Ferslach fan de ridderslach troch Goaitzen Bosma

De Dútske Oarder

‘Al jierren hâld ik my dwaande mei de Lânkommanderij fan de Dútske Oarder Balije fan Utert en dan benammen mei de trije ynstellings dy’t by ús yn Fryslân fertsjintwurdige wienen, te witten NES, SKOAT en STIENTSJRKE (by Lúnbert). Dy hienen in *geastlik* karakter en betsjinnen in ferskaat oan doarpen yn harren omkriten mei de geastlike fersoarging fan de befolking dêr. Mar de Balije hie ek opliedingssintra foar aadlike manlju om dy klear te meitsjen om te striden as ridder, om ynset te wurden by de Krústochten en te fjochtsjen foar it kristlik leauwe. Sokke aadlike lju koenen allinnich mar ridder wurde as se fan fjouwer generaasjes de kertierstaten fan sawol heit as mem har ôfkomst oerlizze koenen. By de ‘*Stichting Friese Huizen van de Duitse Orde*’ haw ik sit yn it bestjoer as argivaris en sneup sadwaande in protte yn it ferline om.

Op in stuit frege ik my ôf: soenen der noch mear stiftingen wêze yn Nederlân dy’t harren dwaande hâlde mei it

fenomeen *Dútske Oarder* en de skiednis dêrfan? En ja hear, op it ynternet fûn ik de *Stichting Duitse Orde Gemerth* yn Brabân. Ik haw daliks kontakt mei harren socht en hie al gau byt. Benammen mei Max Niessen, de kommandeur, haw ik in protte skreaun en wy hawwe sadwaande in soad fan inoar opstutsen. Harren stifting hie yn 2014 it plan makke om it doarp mei syn Dútske Oarder-ferline wer op ‘e kaart te setten en dat slagge tige. It karakter fan har boadskip en útstrieling lei by ‘ridderskip’, dat stie op ‘e foagrûn en dat wie dus krekt efkes oars as yn Fryslân, dêr’t allinnich de geastlike en hospitaalfunksje útfierd waard.

Gemerth

Gemerth³ hat him dus folsein op it *ridderferline* stoarten en de stifting dêr hat him talein op it brûken fan wapens, harnessen, klean en oare wichtige attributen fan eartiids. Dêrmei woenen sy demonstraasjes jaan mei skyngefjochten en mei it útlizzen fan de betsjutting en eftergrûn dêrfan. Troch de tiid hinne hawwe sy al in



Ordo domus Sanctæ Mariæ Theutonicorum Gemerth



4^e convent Duitse Orde Gemerth

Zondag 29 mei 2022 houd de Duitse Orde haar 4^e convent

Een speciaal convent omdat de Orde in een oude boerderij, die gelieerd is aan de Duitse Orde, hun eigen Ridderzaal hebben kunnen realiseren.

De boerderij, waar nu blijkt het Keske van de Orde vandaan is gekomen, is een museumpje ingericht met de bezittingen van de Orde en waar de leden van de Orde bijeenkomen.

Na de formele ingebruikname zal de eerste activiteit bestaan uit de ontvangst van de Broeders van de Duitse Orde uit Nes, gemeente Herenveen, en de installatie van Gooitz&! Bosman als Ridder van de Duitse Orde Gemerth.

Gooitz&! Is de drijvende kracht om de broederschap van de Duitse Orde weer zichtbaar te maken in Nes en is gelieerd aan Ridderlijke Duitse Orde, Balije van Utrecht.

Na de formele zaken gaan de Ridders van de Orde zich verder bekwaamen in het hanteren van hun wapens.



De installatie van Ridder Jan

De oankundiging fan de ynstallaasje fan Goaitzen Bosma as Ridder fan de Dútske Oarder Gemerth troch de kommandeur fan de Dútske Oarder Gemerth. Bosma is de driuwende krêft efter it stribjen om de bruorskip mear sichtber te meitsjen yn Nes (by Akkrum, gemeente Hearrenfean).



Poarte yn it HÛS fan de Ridderlike Balije fan de Dútske Oarder yn Utert mei it kristlike biedwurd foar de oarderleden: 'Weest Ritder ende gûet man ende houët ridderlyjke oerde' (foto: G. Bosma).

protte dien yn it súdlike part fan Nederlân. Op in stuit krige ik fan de oarder it berjocht dat sy my as obiïnt⁴ nominearre hiene om ta ridder slein te wurden en dat soks fan 't jier (2022) op de 29^{ste} fan de maaimeoanne koe, op harren Konvintsdei, in snein. In grutte ferrassing! Der waard aardich wat ruchtberens oan jûn, sadat der op dy dei ek minsken komme koenen fan de ôfdieling Fryslân.

Bûtenpleats 'De Sprenk'

Roland en Anneke van der Starre (Roland is de foarsitter fan ús stifting) en Harmy, myn frou, en ik binne dêr op de bûtenpleats 'De Sprenk' mei gâns egards ûntfongen mei kofje en Fryske krûdkoeke. Wy seagen inoar dus

foar de earste kear, mar it akkordearre fuortendaliks en dat late ta in soad praterij oer en wer. Earst binne we nei Gemert tein en hawwe dêr in rûnlieding hân troch it doarp, mei tekst en útlis oer wat dêr noch bewarre bleaun wie út âlde tiden, it kastiel, it gymnasium en wenten mei it Dútske-Oarderskyld. Spitiger-nôch begûn it ynienen fûl te reinen en dat duorre de hiele dei. Doe werom nei *De Sprenk* (dat by it doarpke De Mortel leit, tichteby Gemert). Dêr folge in treflik middeismiel en dêrnei kamen wy yn de ridderseal alle-gearre byinoar, yn fol ornaat, om de seremoanje neffens protokol ôf te hanneljen.

Ridderslach

De ridderslach haw ik krigen fan Kommandeur Max Niessen, direkteur fan krûdesintrum 'De Sprenk'⁵. Dêrnei folge in demonstraasje mei wapens: swurden, krúsbôgen, lânsen, knotsen en noch mear. Al mei al waard it ek al wer tiid om de weromreis nei It Hearrenfean oan te gean. Wy hawwe in tige ynteressante dei belibbe, freonskippen oanhelle en miskien komt it der noch ris fan om de Dútske Oarder fan Gemerth nei de gemeente Hearrenfean te krijen om by ús in demonstraasje te fersoargjen.

It wie in dei om nea wer te ferjitten ...?



It 'momint suprême' fan de ridderslach op it skouder fan Goaitzen op snein 29 maaie 2022 te Gemert (foto: Goaitzen Bosma).



De 'farske' RIDDER fan de Dútske Oarder yn fol ornaat (foto: Goaitzen Bosma).

* Goaitzen Bosma (1951) wennet op Hearrenfean en hat grutte belangstelling foar de Fryske kultuerskiednis. Hy is tige behelle by de stifting 'Friese Huizen van de Duitse Orde, Nes, Schoten en Luinjebert', mei graach tekenje en skilderje en muzykynstruminten bouwe (sj. foar mear ynformaasje syn artikels dêroer yn Nij Frisia).

³ Gemerth wie oant yn de Napoleontyske tiid in soevereine steat ûnder folslein bestjoer fan de Dútske Oarder. It wie dus selsstannich, in 'lân op himsels'; se hienen dêr mei net ien steat wat út te stean. San Marino, Monaco, Andorra en Liechtenstein hienen en hawwe bygelyks noch in selde status.

⁴ In *obiïnt* is in tsjinner dy't om sizzen jout en goed harket.

⁵ In 'sprenk' is in *boarnegebiet* mei welwetter. It komt fan it tiidwurd *springen, sprengen*, út < Germ. *sprangō*.

Bearend Joukes Fridsma (1905-2005) wie in **Jongfries** yn moarch en bonken, dy't hast syn hiele libben yn Amearika striden hat foar in 'frijer en Frysker Fryslân'. Sjoch oer him bgl. it Jubileumnûmer fan Nij Frisia (jrg. LXIV, nû. 4, des. 2015, s. 75, 76) en fan him: Bearend Joukes Fridsma, Nea ferbrutsen bân. 60 jier Fryske Aksje yn Amearika (Ljouwert: De Tille, 1991; sjoch op side 14 foar in ôfbylding).

Cultuur
Film
Media
Boeken
Theater
Muziek
Beeldende
kunst
Agenda



De dream fan Fridsma

Sneon sette de krante it ljocht op Laurens ten Cate, dy't hûndert jier ferlyn berne waard te Boalsert, snein liet psychiater Bessel van der Kolk yn it tv-programma *Zomergasten* it fragmint sjen fan Joan Baez dy't *We shall overcome* sjongt.

Dy del fan de 'March on Washington for Jobs and Freedom', 28 augustus 1963, soe histoarysk wurde troch de 'I have a dream'-taspraak fan Martin Luther King.

Ten Cate wie lyrysk oer dy taspraak en de Fryske Amerikaan Bearend Joukes Fridsma (1905-2005), heechlearaar Dútsk yn Grand Rapids, Michigan, wie it út soarte mei him iens. Fridsma lies alle Fryske kranten en blêden en wat er dêrút gaadlik achte foar de Friezen yn Amearika naam er op yn syn bulletin *Frisian News Items*. Mei dy knipselkrante soarge er derfoar dat de bân mei it heitelân net ferbrutsen waard.

Fridsma hie tenei ek in dream: sa'n mars nei Ljouwert! Dy jûns doe't er efkes yn syn deiboek skreau, fersuchte er: 'Ik woe dat wy Fryske striders ek sa'n lieder as King hiene.'

Hy hie Fedde Schurer altyd bewûndere om syn haadartikels yn de *Friese Koerier* en it foel him ôf dat syn opfolger Ten Cate 'mei twa mjitstêven meat': 'Ferkearde tastannen en tradysjes yn Alabama koe er fûl ôfseamje; lyksoartige kondysjes yn Fryslân koe er maklik oersljochtsje en sels ferdigenje.'

En dus rjochte er syn pylken op Ten Cate, nei't dy in pleit fan sines foar selsbestjoer yn it wykblêd *Frysk en Frij* bestimpele hie as únsin: 'Het Friese volk zou onnoemelijk schade lijden als er écht aan zou worden begonnen. Wij hebben niet voldoende bekwame mensen, niet voldoende

“Ik woe dat wy Fryske striders ek sa'n lieder as King hiene

geld en niet voldoende toekomst om als gewest zelfstandig te kunnen bestaan.'

Fridsma krige royaal de romte foar in wjerwurd: 'Mar lit gjinien de tekens fan de tiid lytsachtsje. As jo yn selsbestjoer in euvel sjogge, soe ik jo oanriede wolle: doch yn de kolommen fan *De Koerier* jo uterste bêst, sadat jo it wankende kwea noch yntiids beswarre. Want Fryslân soe mei de tiid ris syn Martin Luther King krije kinne. En dan, lykas ûnder de swarten, bart der yn Fryslân yn ien jier mear as yn de eardere fyftich. (...) Spitigernôch is it op dit stuit noch net sa fier. Mar wylst de ûnderdrukking oanhâldt, sjonge wy bliermoedich: *We shall overcome some day*. De oerwinning kin gjin Wallace yn Amearika of gjin Ten Cate yn Fryslân tsjinkeare.'

Ten Cate skreau dat er dit ynstjoerde stik mei tsjinsin opnaam hie: hoe kaam Fridsma der by dat Friezen ûnderdrukt waarden, út noch yn net! Nee, skreau Tony Feitsma, se binne al safier 'ynkapsele yn har rol', dat se dat net yn 'e gaten hawwe.

Op besite yn Fryslân yn 1971 frege Fridsma him ôf oft de Beweging noch wol in dream hat: 'Ienris hawwe wy dy hân. Is it de romantyk fan it ferline? As wy dy dream net mear hawwe, is it it bêste dat wy ferklearje dat dit har lêste jûn is.' Hy pleite foar ferbining mei de Dútske Fryslannen.

Dêrop krom Ten Cate opnij yn 'e pinne ûnder de kop: 'B. J. Fridsma een gevaar voor Friesland': 'Laat hem ophouden ons dwars te zitten en de anti-Friezen, want die zijn er uiteraard, stof te geven voor hun vooroordeel dat dit volk van ons bestaat uit fanaten en andere gekken.'



Yn de Waadhoekster (F)NP-ôfdielingsgearkomste fan 29-11-2022

Foarsitter, gearkomste,

De *Feriere Naasjes* yn New York hawwe in kommisje, de UNITED NATIONS GROUP OF EXPERTS ON GEOGRAPHICAL NAMES (UNGEGN) en dy hat plaknammen ta *ymmaterieel kultureel erfgoed* ferklearre. Sadwaande hawwe plaknammen rjocht op beskerming.

It taalklimaat is yn it fermidden fan de *Feriere Naasjes* wol wat in oarenien as yn dat fan ús riedsfraksje, dy't him yn mear as ien riedsgearkomste stil, deastil hold as ús doarpsnammen te praat brocht wiene.

En hjirre, yn ôfdielingsfermidden, is it amper better. Ik haw itselde hjir mear as ien kear ûnderfûn: op in opmerking/frage oan it adres fan de riedsleden krige 'k gjin beskje fan hár, mar fan de wethâlder dy't it dan oer sún bydrage oan de taal hie.

Mar ik bin hjir no om de *fraksje* derop te wizen dat ús doarpsnammen ús *kultureel erfgoed* binne dat beskerme heart te wurden. Dêrta is it ôfdwaande dat yn BAG en GBA de eigen, eigentalige, Fryske plaknammen yn 't plak komme foar dy frjemdtalige, ûneigen, Hollânske nammen dy't dan net mear besteane. Yn de *Algemeine Lede gearkomste* fan de *Feriere Naasjes* sille se hantsjeklappe as it sa fier is.



Bertus J. Postma

Mar sûnder de ûnderdrukkende taal is ús ûnderdrukte taal 'better sichtber'. Ús taal better sichtber, dat woene okkerjiers de Keamerleden Aukje de Vries (VVD) en Harke van der Molen (CDA). En de minister (fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes) wie it tige.

Sadwaande soene Jerope yn Brussel, it regear en fraksjes yn De Haach, it Twibaksmerkkolleezje yn Ljouwert en ús Jehannes yn Frjentsjer bliid wêze mei de feroaring, mei de ferbettering. Mar de Nasjonale riedsfraksje jout him by *Herbaijum, Franeker, en Oudebildtzijl* del.

Ik winskje de Nasjonale riedsfraksje de bekearing ta **Hjerbeam, Frjentsjer en Âldsyl** ta. De Nasjonale riedsfraksje soe it net better witte wolle moatte as de hiele wrâld ...

Bertus Jans Postma



Ús doarpsnammen binne kultureel erfgoed dat beskerme wurde moat.


Kuipers en koroana

Wy libje wer yn 'e hjerst, yn koroanatiid. De firoligen hiene dy in hoart lyn al oankundige en de autoriteiten fan de folkssûnens koene sadwaande de faksinaasje mar yntiids tariese. De bedoeling wie dat it folk de fjirde prijp krigen hawwe soe as it firus noch ûnderweis wie diskant út.

It wíe allegear wol goed betocht, mar it gé net goed. De tropesimmer-fakânsjetiid jage de tarieding finaal yn 'e bulten en dat wie wer fan dy gefolgen dat hiel wat koroanaklanten al yn 't Ljouwerter MSL leinen doe't oaren har fjirde prijp noch net iens hân hiene en besmet wurde koene! Yn 'myn' ôfdieling fan *Nijlânstate* hawwe 6 leden it firus ûnder de lea. Se meie 10 dagen de doar net út. Ik bin sels juster ûndersocht (útslach noch net bekend).

De minister fan folkssûnens liket my ferantwurdlik ta foar de faksinaasje, dy't net yntiids klear wie, net foar de yntocht fan it firus. Dat nim ik *Ernst Kuipers* kwea ôf! ***Hy lit my tûzen noeden útstean ...***¹

Bertus Jans Postma, Menaam



Dr. Ernst Johan Kuipers, 'Haachsk' minister fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport (D66) en ferantwurdlik foar de fjirde koroanaprijp, lit Bertus Jans Postma 'tûzen noeden útstean'!

1 Bertus Jans Postma hie boppesteand stikje op 10 okt. 2022 oan de redaksje fan de *Ljouwerter Krante* stjoerd, mar dy hat it net opnaam. Postma mailt dêr de LC-redaksje op 13 okt. oer:

'Achte redaksje, Op 10-10-2022 haw ik jim myn "Kuipers en koroana" [...] tastjoerd. It gie net yn op in krantestik en sil út dy reden net opnommen wêze. Dêr haw ik alle frede mei. Mar it giet my om wat oars. Ik leau dat ik yn jim krante fan hjoed, 13 oktober, op side 13 ûnderoan myn gelyk krigen haw:

kolom 2: 'de te halsstarrige aanpak van de vaccinatiecampagne',


kolom 4: 'liep de start van de campagne flinke vertraging op'.

Wis, de minister krige kear, mar sa'n man heart der, wat se tsjintwurdich neame, *in plan B* foar te hawwen, tinkt my. Seis op myn ôfdieling besmet. Licht hat ien my oanstutsen en ik wer in oarenien. En dat hie net hoegd. Menamer achtinge, B.J. Postma'

Op 14 oktober komt dêr in andert op fan de LC:

'Moarn Postma, Soms is gelyk krije net moai. Wy wolle jo in soad betterskip en sterkte tawinskje. Mei freonlike groetnis, *Poadiumredaksje Ljouwerter Krante*'.

Wy, as redaksje fan *Nij Frisia*, winskje Bertus ek gau betterskip ta en kinne syn stikjes nét misse!



Bearend Joukes Fridsma (1905-2005) wie in **Jongfries** yn moarch en bonken.

Haikûs yn it Frysk (1)

In *haikû* is in tiidleaze foarm fan Japanske dichtkeunst, in 'one-liner' skreaun yn trije rigels wêrfan't de earste rigel 5, de twadde 7 en de tredde wer 5 wurdlidden telt, sûnder einrym. Dy foarm fereasket skerp waarnimmen (sjen, harkje), lit wei wat net echt wichtich is, jout in streekrocht 'fielen' wer en freget net om in wearde-oardiel. It moat by in oar in eigen 'oantinken' oproppe.

Boarne: www.fanvanfryslan.nl (mei tastimming oernommen fan de webside fan Henk Veenstra, Drachten).



Diskriminaasje fan Fryske berneboeken

Foar: Diskriminaasje Meldpunt Tûmba
Snekertrekweg 1
8912 AA LJOUWERT

Fan: BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'

Datum: 24 oktober 2022

Ûnderwerp: Diskriminaasje fan Fryske berneboeken

Achte Tûmba-meiwurker/-ster(s),

Yn Dokkum hawwe wy in moaie boekwinkel fan Van der Velde mei in gewoanwei skitterjende berneôfdieling. Dy hat sels helte mear en gruttere etalaazjes as de grutte-minskeôfdieling. De berneôfdieling hat sels in eigen yngong, sadat der wier sprake is fan in berneboekewinkel. En dy hat in skat oan berneboeken.

Mar al dy berneboeken binne suver allegearre yn it Nederlânsk. In Frysk(talich) berneboek sil men der net tusken fine. Dat fûnen wy mar in nuvere situaasje en wy hawwe de direksje ferskate kearen frege oft dat ek oars koe en set de Frysktalige berneboeken by de Nederlânsktalige. Dat wol de direksje yn Dokkum net en yn it petear krigen wy algeduerigen deselde arguminten te hearen:

1. Der is gjin fraach nei Fryske boeken.
2. As der om frege wurdt, wize wy de klant it plak wol oan.
3. It binne de memmen dy't de boeken foar de bern keapje.
4. Bern keapje sels gjin boeken.
5. Wy hawwe no in moaie yndieling, mei Fryske boeken derby wurdt dy mar fersteurd.

Dy arguminten binne ferlechjes, want de fraach nei alle boeken (ad 1) nimt yn ús tiid fan ynternet ôf. In boekhannel hat dêrom troch syn bestean allinne al in misje om de skriftlike kultuer yn stân te hâlden. Dat kin fansels prima strike mei de misje om de literatuer en lektuer yn de memmetaal fan Dokkum en omkriten ek ûnder de minsken te bringen. Sadwaande hearre Fryske berneboeken krekt yn de berneboekewinkel.

De punten 2 o/m 4 doge net om't as de arguminten op Nederlânsktalige bern en boeken tapast wurde soene, alle besteansrjocht foar dy skitterjende berneboekeôfdieling ferdwine soe. Dat leaut de direksje dus sels ek net. Wêrom soene Fryske bern en memmen no oars wêze as Hollânske?

En wat punt 5 oangiet: ús minister-presidint Rutte sei op 20 oktober 2017, by de presintaasje fan syn tredde kabinet, wêryn't foar de tredde kear de froulju ûnderfertsjintwurdige wiene en minsken fan kleur hielendal net foarkamen : '[...] ik had er graag meer willen hebben. Maar uiteindelijk geldt: we gaan voor de beste mensen. Het is wat het is.'¹ In skoalfoarbyld fan in wol net-bedoelde mar dochs kwealike diskriminaasje troch immen fan de boppelaach.

Deselde hâlding as dy fan Rutte sjogge wy ek by de direksje fan boekwinkel Van der Velde yn Dokkum: Fryske (berne-)boeken hawwe te min kwaliteit en dêrom wolle wy ús moaie, kultureel heechsteande winkel der net mei ûntsiere.

Dat ûnderfine wy, sprekkers fan de ûnderlizzende taal, it Frysk, no krekt as *diskriminaasje*. En dêr bekleie wy ús by jimme oer. Graach hearre wy wat jimme dêroan dwaan kinne.

Mei achtinge en freonlike groetnis,
Piter Dykstra
út namme fan de *BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'*

Postadres: Balthasar Bekkerstrjitte 7,
9123 JV MITSELWIER
E-post: sistsiis@hotmail.com
Tel.: 0613963855

PS Hjrby ynsletten it parseberjocht dat 'Sis Tsiis' op 30 septimber 2022 ferstjoerd hat nei de lokale media en ek nei boekhannel Van der Velde (Ljouwert en Dokkum)². Dêr kaam gjin reaksje op fan de boekhannel en yn de boekwinkel is alles by itselde bleaun.

Dit artikel is vandaag gratis

Actiegroep Sis Tsiis wil een ruimere plek voor Friese kinderboeken in de boekhandel in Dokkum, zodat kinderen ze gemakkelijker kunnen vinden

3 oktober 2022, 08:14 • Cultuur

Deel dit artikel    



De voorgevel van boekhandel Van der Velde in Dokkum. Foto: Jilmer Postma

Actiegroep Sis Tsiis gaat tijdens de Kinderboekenweek van 5 tot 16 oktober protesteren bij boekhandel Van der Velde in Dokkum. Volgens de actiegroep krijgen Nederlandstalige kinderboeken veel meer ruimte en een betere plek in de winkel dan de Friestalige.

De actievoerders hebben in het verleden bij zowel de bedrijfsleider van het filiaal in Dokkum als bij Van der Velde in Leeuwarden gevraagd om een betere oplossing. Volgens Sis Tsiis kiezen vooral de kleinere kinderen die nog worden voorgelezen een boek niet op taal maar op uitstraling. Als Friese kinderboeken niet gemakkelijk te vinden zijn, zullen kinderen er ook niet naar grijpen, denken de actievoerders.

Ze hopen met hun actie te bereiken dat Van der Velde in Dokkum de Friestalige kinderboeken bij de Nederlandse kinderboeken gaat zetten.

¹ Sjoch: <https://www.bnnvara.nl/joop/artikelen/rutte-vrouwen-kwaliteit>

² Mar dat parseberjocht is net yn dit nûmer opnommen.

Jaap Slager: Wie ik it hert fan dij

Yn de foarige *Nij Frisia* (nû. 3, hjerst 2022, s. 18-19) stie fan Jaap Slager in Fryske oersetting fan de sjongtekst 'Feeling Good' fan twa Britske skriuwers: '... en ik fiel my goed'. Diskear syn moaie Fryske oersetting fan in sjongtekst fan Collin Raye 'If I were you' út it album *Extremes*: 'Wie ik it hert fan dij'.

Floyd Elliot Wray (berne: 22 augustus, 1960) is in Amerikaanske sjonger fan 'country music' dy't op in stuit bekend wurden is ûnder de namme *Collin Raye* en noch earder ek wol as *Bubba Wray*.

Collin Raye: If I Were You

You want to know where we go from here.
So many roads, but none that seem clear.
Is what we have enough to last a whole life through?
Who knows? Baby, who knows?

So you're asking me 'what do we do'?
'Cause time moves so fast, and the chances seem so few.
Is it too much to think that we could have it all?
Who knows? We may never know.

But if I were you I'd promise to live life for all it's worth.
Take all that you've been given and leave your mark upon
this earth.
Trust your heart to show you everything you'll ever need.
And if I were you, I'd fall in love with me.

So hold me close, I'll kiss away your fears.
I won't promise the moon, but I promise to be here.
And what if together it gets better everyday?
Who knows? We may never know ...

But if I were you I'd promise to live life for all its worth.
Take all that you've been given and leave your mark upon
this earth.
Trust your heart to show you everything you'll ever need.
And if I were you, I'd fall in love with me.

But if I were you I'd promise to live life for all its worth.
Take all that you've been given and leave your mark upon
this earth.
Trust your heart to show you everything you'll ever need.
And if I were you, I'd fall in love with me.

If I were you, I'd fall in love with me.

Jaap Slager (oers.): Wie ik it hert fan dij

Do fregest mij wêr oft wy hinne gean.
Rju kar foar bar, of bliuwe wy hjir stean?
Is wat wy no al ha genôch ús libben lang?
Ik wit it net ... mar wês net bang!

Do sjuchst my oan: En no? Wêr moatt' wy lâns?
Dêr of dochs dêr? Mar hat dy wei wol kâns?
Of is ús hertewinsk faaks dochs in slach te grut?
Wat is wiis? Wa seit wat it wurdt?

Mar sjuch foaral it libben net as wie it ien grut lijen!
Brûk gewoan watst krige hast en wês mar net te mijen!
Lit dyn hert dy wize, ju, wat oftst fanneden bist!
Wie ik it hert fan dij, sa wiisde ik nei mij ...

Kom yn myn earms en hâld dy net fan fierren.
'k Loof dy gjin goud, mar 'k loof dy ik bin hjirre
En wat as tegearre skielk noch folle better wurdt?
Wat is wiis? De kop of de sturt?

Mar sjuch foaral it libben net as wie it ien grut lijen!
Brûk gewoan watst krige hast en wês mar net te mijen!
Lit dyn hert dy wize, ju, wat oftst fanneden bist!
Wie ik it hert fan dij, sa wiisde ik nei mij ...

Mar sjuch foaral it libben net as wie it ien grut lijen!
Brûk gewoan watst krige hast en wês mar net te mijen!
Lit dyn hert dy wize, ju, wat oftst fanneden bist!
Wie ik it hert fan dij, sa wiisde ik nei mij ...

Ja, wie ik dat, sa wiisde ik ... nei mij..

*Jaap Slager (1985) wennet yn Portugal en is in betûft oersetter (sjoch ek syn kollums yn Nij Frisia foar mear bysûnderheden). Syn Fryske oersetting fan de sjongtekst 'If I were you' fan Collin Raye hat ek op syn blog stien (18 july 2022): 'Wie ik it hert fan dij'.



Floyd Elliot Wray (1960) is in Amerikaanske sjonger fan 'country music', dy't bekend wurden is ûnder de namme Collin Raye en ek wol as Bubba Wray.

Oprop oan de leden foar bydragen yn *Nij Frisia*

Nij Frisia is it tydskrift foar *Fryske Striid en Skriftekennisse* fan de *Jongfryske Mienskip* en guon fan de leden leverje geregeld bydragen of artikels. Dêr binne wy wiis mei. Mar faaks binne der wol mear dy't ris in stikje of artikeltsje skriuwe kinne of wolle foar ús blêd, dat Fryske 'mienskip' befoarderje wol. Bygelyks troch te skriuwen oer wat har 'beweecht' om lid te wêzen of om aksje te fieren. Faaks hawwe se goede ideeën en wolle se dy stypje of dêr oan meidwaan. Tink dêrby ek oan it ferwêzentlikjen fan de 'missy' fan de *JFM*, dy't fierder útwurke wurdt yn in *strategyske piramide* (mei ek aardich wat konkrete doelen):

1. mear Fryske **autonomy** yn 2050;
2. mear rjochten foar de Friezen as **nasjonale minderheid** (*Nij Frisia*, nû. 4, winter 2021, s. 13-17).

Wy, as redaksje, hawwe dy bydragen fansels it leafste yn it Frysk en rêde ús wol mei eventuele taal- of staveringflaters. As it dochs yn it Hollânsk of in oare taal is, dan soargje wy wol foar in oersetting yn geef Frysk as dat winsklik is. Alles yn de geast fan *Douwe Kalma*.

Hawar, net stinne, mar ... **skriuwe!** En stjoer mar nei ús op mei, as it heal kin, in yllustraasje derby.

Alfêst tank fan de redaksje:

Piter Dykstra: post@piterdykstra.nl

Sytze T. Hiemstra: sthiemstra@gmail.com

Ed Knotter: edknotter@gmail.com

Ried fan de Fryske Beweging yn aksje?



Bliuwt it wer by briefskriuwen en praterij of komt de Ried ris echt yn aksje foar ús eigen 'autonomy'?

Op 27 oktober 2022 wie yn Marsum in gearkomst fan de Ried fan de Fryske Beweging, de saneamde Grutte Ried. Dêr komme fertsjintwurdigers fan de oansletten organisaasjes yn byinoar. Yn april fan dat jier is besletten om te ûndersykjen wêr't it mei de Ried hinne moat. De útkomsten fan it ûndersyk binne yn in konsept-beliedsplan 2023-2027 opnommen. Sa't it heart by de Fryske Beweging, gie de presintaasje net folslein sûnder diskusje.

Mei de missy fan de Ried kin elts it wol lykfine. *De Ried fan de Fryske Beweging wol de lykberjochtiging, lykwear-digens en sichtberens fan de Fryske taal en kultuer befoarderje. Mei de klam op de Fryske taal.* It bestjoer fan de bewegingsried freget him lykwols ôf oft de Ried wol in aksjegroep of tsjinbeweging wêze moat. Dat stânpunt jout opskuor. In gearfetting fan de diskusje: "De Ried moat de mooglikheid ta aksje net perfoarst útslute. Oars kinst fuortendaliks wol ophâlde!" De nije ynterim-foarsitter Reinder Reitsma lêst foar út it beliedsplan en telt de passaazjes dêr't it wurd 'aksje' yn foar komt. En dat binne nochal wat. Reitsma slút aksje yn alle gefallen net út. Mar soks moat net allinnich fan de Ried útgean. De organisaasjes moatte it mei-inoar dwaan.

Sytze Hiemstra pleitet derfoar om yn de nije struktuer in *juridyske kommisje* yn te stellen. De foarige kear dat it besocht waard, kaam it net goed fan 'e grûn trochdat de ûndersyksfraach net goedernôch wie. Dat kin in stik

better. Mar úteinlik is neffens Hiemstra it kaaiwurd 'autonomy'. Dat is neffens him de iennige manier om it Frysk ûnderwiis wer op it goede spoar te krijen. Earder wiene de folsleine Provinsjale Steaten derfoar om yn te setten op kulturele autonomy. Dêr soe de provinsje no wer op ferge wurde moatte. It kin no noch meinommen wurde yn de ûnderhannelingen oer de nije *Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer* (BFTK).

Kees van der Beek (Frysk Boun om Utens) wiist derop dat Ried wol hiel fier fan de man yn de strjitte ôfstiet.

Der wurdt wol praat oer kommunikaasje, mar sprekt dat de gewoane Friezen wol oan? Hy kriget byfal fan *Seye Brinkman* (Jongfryske Mienskip). Dy fynt dat bewustwurding yn it lyts begjinne moat. Troch út en troch wat te stikelen setst minsken oan it tinken.

Bruno Rummler (Slach by Warns) hat noch nea earder by in Grutte Ried west. Hy fynt de diskusje nijsgjirrich en sjocht wol mooglikheden om de Ried mear yn beweging te setten. As 'nijtkommer' is er wol benijd nei wat der earder allegear dien is om de doelen te berikken. Wat is net slagge en wat wurket goed? Dêr soe de Ried nochris goed nei sjen moatte. Hy wol dêr graach oer mei tinke. Oare nijtkommers biede har dêr ek foar oan.

Oanpassingen yn it beliedsplan sille noch makke wurde. Oant Sinteklaas is der noch tiid om te reagearjen op it konsept-beliedsplan. Dan giet de Ried fierder mei de útwurking. Der is nei de diskusje dizze jûn wer genôch bepraat om yn aksjes om te setten!

Boarne: *It Nijs*, 29 oktober 2022¹

¹ Ek oan te klikken op: [Ried fan de Fryske Beweging yn aksje? | It Nijs](#)

*Kollum fan Hilbert Vinkenoog**

Fryslân, de Friezen en Skandinavië yn de iere Midsiuwen



De Friezen hiene yn 'e iere Midsiuwen in grut hannelsnetwurk.

*F*an 14 oant en mei 16 septimber 2022 haw ik de Twadde Konferinsje fan de Fryske Geasteswittenskippen (fan de Fryske Akademy en de Fryske Rie) yn Ljouwert bywenne.¹ Ik sit no wer yn Oslo. Dêr studearje ik sûnt in moanne oan 'e universiteit en it begjint al as in soarte fan thúst te fielen. De skjinne strjitten en hege salmkleurige huzen binne dêr hiel oars as it plak op it platelân fan Northumbria yn Ingelân, dêr't ik grut wurden bin. Men soe wol sizze kinne dat ik hear ta it 'bysûndere' skift fan lju 'om utens'. Mar dochs hawwe ús beit en mem my Hilbert neamd doe't ik 22 jier lyn berne bin. Ek al wie it net altyd maklik om mei sa'n namme op in Ingelske skoalle te sitten, it soarge der wol foar dat ik nea fier fan myn Fryske woartels ôf rekke bin. Al in hiel skoft hie ik in protte fragen foar ús beit oer Fryslân, de Friezen en it Frysk. Op in stuit begûn ik nei Fryske muzyk te barkjen en sa stadichoan koe ik der hieltiten mear fan ferstean.

¹ Woansdei o/m freed, 14-16 sept. 2022: 'The 2nd Conference on Frisian Humanities', Westcord WTC Hotel yn Ljouwert; woansdei 14: presintaasje biografy Tony Feitsma; freed 16 sept. (middeis) Akademydei, beneaming eareleden: Martsje Miedema, betûft Afûk-lesjouster, en trije oaren foar harren fertsjinsten foar de Fryske kultuer, Westcord WTC Hotel, Ljouwert; oanslutend in symposium op sneon 17 sept. fan de Ynterfryske Rie (it 28ste Ynterfrysk Kongres), yn 'De IJsherberg', Dokkum.

Sytze T. Hiemstra rekke op de Akademydei yn Ljouwert (freed, 16 okt. 2022) yn 'e kunde mei Hilbert Vinkenoog en se koene dêr 'gewoan' Frysk mei-inoar prate, ek al wie dat dochs wol wat 'bysûnder'. In goede oanlieding om Hilbert te freegjen om ris wat foar *Nij Frisia* te skriuwen. Dêr wied er hiel flot mei, tige tank! Hooplik bliuwt it net by ien stikje foar ús oer syn kennis fan de Midsiuwen yn ús kontreien en syn krewearjen op dat mêd.



De Friezen brochten safolle mantels, potten, slaven, barnstien en oar guod de Noardsee oer dat dy yn 'e achtste iuw sels de *Mare Frisicum* neamd waard.

Hoe't it ek wêze mei, werom nei hjoed-de-dei. Mei it tekoart oan personiel op Skiphol wiene der op de dei fan de weromreis rigen sa fier as it each sjen koe. Mei myn eardopkes yn joech it my de tiid om nei te tinken, oer it hjir en hjoed, de takomst, mar benammen ek oer it ferline. Yn de grutte romte, fol minsken mei likefolle eigen talen as der koffers op 'e bagaazjebân leine, moast ik tinke oan hoefolle oare Friezen oft dizze selde reis makke hawwe yn it tiidrek foardat it fleantúch, mei ek noch stuollen foar ekstra skonkromte, der wie. Wat kinne wy dêr no noch oer witte? De elektroanyske poarten en yn-stapkaarten fan in modern fleanfjild soe harren frjemd oankomme. Mar ek foar in grut part fan de Friezen út de iere Midsiuwen wie reizgjen in grut part fan harren bestean. It wiene hannelers en keaplju sûnder wjergera. Hja hiene safolle mantels, potten, slaven, barnstien en oar guod oer de Noardsee brocht dat dy yn 'e achtste iuw sels de *Mare Frisicum* doopt is. Fan de sângrûnen fan 'e Ryn ôf oant de terpbewenners op de kwelder-eilannen wreiden se harren netwurk út by de kusten lâns en de see oer.

En sa kaam it dat ik, doe't de tsjillen fan it fleantúch de Skandinavyske boaiem rekken, besefte dat dy reizgers it ôfrûne millennium hjir ek yn Noarwein harren fuotspoaren yn it slyk fan de fjorden efterlitten hawwen. Twa oeren riden fan Oslo ôf leit it plak *Kaupang* yn de

saneamde *Viksfjorden*.² No in rige reade hûzen, mar yn de njoggende iuw wie dit de grutste stêd fan Noarwein, of better sein in 'emporium', in hannelssintrum mei Jeropeeske útstrieling. De namme betsjut ek 'merk' en dat hâldt ferbân mei ús mei wurd 'keapje'. By opgravings yn 'e njoggentiger jierren fan de foarige iuw waard in protte fûn fan de ynlânske Skandinavyske kultuer, mar sa stadichoan kamen der ek ferwizings nei ferbannen mei it kontinint en foaral mei de Friezen. Benammen om ien hûs hinne oan 'e haven binne der *fibulae* (mantelspjelden) fûn fan itselde soarte as dy't doe yn Fryslân droegen waarden. Sa'n 30% fan alle fynsten yn Kaupang komme of út *Frisia* ôf út it Frankyske Ryk wei. Oeral by de wei oan it wetter binne fragminten fan Karolingysk ierdewurk en glêzen bekers oantroffen.

De Noarske argeolooch Bjarne Gaut sjocht dy samling foarwerpen as bewiis dat der *wyn* ymportearre en ek dronken waard troch de Skandinavyske ynwenners en

² It Germaanske wurd 'vik' is in fjord, baai, ynham of kreek. Wy soene dêr 'wyk' tsjin sizze (de útspraak is gelyk). De namme 'Viking' is dêr foar it neiste fan ôflaat en krige yn it Âldnoarsk de bredere betsjutting fan 'in ekspedysje'. De frijbûters op de rôverskippen út dy Wiken neamden harsels *vikingr* (meartal: *vikingar*, of *Vikingers* (yn ús Frysk: *Wytsingers/Wytsingen/Wytsings* of *Noarmannen*) en foarmen in apart 'folk'.



Kaupang leit op twa oeren riden fan Oslo en wie yn de njoggende iuw de grutste 'stêd' (in 'emporium' of hannelsplak) fan Noarwein. In protte fynsten dêre komme út Frisia.

de lju dy't de drank meinaam hiene. De floeistof waard út in Karolingyske pôt yn in glês getten, in nije ûnderfining foar de Noaren dy't oant dan ta gjin wyn kend hiene. Dy glêsdiggels binne allinnich fûn yn 'e haven tichteby it 'Fryske keapmanshûs' en sa hat it der alle wierskyn fan dat de lju dy't meidronken, deselde Friezen wiene as dy't dy wyn oer de Ryn hinne nei it noarden brochten. En dat is mar ien kraaltsje fan in keatling dat oer de hiele Noardsee en fierder nei de Baltyske See lei.

Ribe yn 't suden fan Denemark is faaks wol in Fryske namme en oan it strjitteplan te sjen hie it in soad oerienkomsten mei *Doarestêd*, de pearle fan 'e Friezene hannel by Utert. Yn it Sweedske *Birka* is de histoarje fan Fryske keaplju fêstlein op in runestien. 'Frísa gildar létu reisa stein þenna eptir Þor[kel, gild]a sinn. Guð hjalpi qnd hans. Þorbjörn risti' stie derop: 'De gildebruorren fan de Friezen hawwe dizze stien oprjochte ta oantinken oan Þorikel, harren gildebroer. Mei God syn geast helpe. Þorbjörn hat dit skreaun.'

Dus, ek al sit ik no allinnich neist de kachel op myn keamer mei gjin Friezen om my hinne, dochts wit ik dat yn it ferline der faaks wol Frysk heard waard op it wetter en de strannen fan dit fiere lân. En dat docht my goed ...

* Hilbert Vinkenoog (1999, *Bath, Feriene Keninkryk*) studearre *Anglo-Saxon (Angelsaksysk), Norse (Nordic, Skandinavyske mytology) en Celtic (Keltysk)* oan de *University of Cambridge (undergraduate)* en studearret *Viking and Medieval Studies* oan de *Universitetet i Oslo (Masters)*. *Wurk: Youtube Kanaal 'History with Hilbert' mei 411.000 abonnees.*

De boppesteande kolum is skreaun op de weromreis nei Oslo en oan de redaksje stjoerd op 26 sept. 2022 fia Messenger. De noaten en yllustraasjes binne taheakke troch Sytze T. Hiemstra.

Fryske nammegenooten, de East-Friezen (II)

Tom Wester*

De Stedinger-Friezen

*In East-Fryske skiednis dy't oerienkomsten hat mei dy fan West-Fryslân.*¹

Yn 1106 makken fiif Hollanners in reis fan de mûning fan de (Âlde) Ryn nei Bremen. Hja brochten in besite oan de aartsbiskop mei it fersyk oft se dêr yn 'e buert ek in stik moeraslân yn kultuer bringe mochten. Dat mocht en se waarden it iens oer de betingsten. Dy holden in jierlikse belesting yn fan: ien pfennig, in alfde part fan alle grûnopbringsten en in tsiende part fan de libbene have. In soad minsken út de omkriten fan de mûning fan de (Âlde) Ryn, Katwyk en doarpen yn de buert, binne ferhuze nei dat 'belove lân' yn de delta fan de Wezer, dat se *Stedingen* neamden,

Dy ôfreizgjende Hollanners soe men better West-Friezen neame kinne. In pear jier dêrfoar, yn 1101, wie de namme fan it gebiet dat no Súd-Hollân en Noard-Hollân hjit, feroare fan West-Fryslân yn Hollân. It hjoeddeistige West-Fryslân en de Súd-Hollânske eilannen foelen dêrbûten. De nammeferoaring hie wierskynlik in politike oarsprong. It idee fan de Fryske frijheid sil de feodale elite net oanstien hawwe en dus moast ek it Fryske út de namme ferdwine.

De minsken dy't nei Stedingen ôfreizgen, krigen dêr har frijheid werom. Se wurken no wer foar harsels, mar moasten wol belesting oan de biskop betelje. Mei hurd wurkjen waard hieltyd mear lân yn kultuer brocht. Der teagen hieltyd mear pioniers nei it gebiet. In pear generaasjes letter wenne der yn Stedingen in flinke mienskip fan frije Friezen.

Om it jier 1200 hinne begûn de doetiidske aartsbiskop fan Bremen oan de oerienkomst te toarnen. Hy woe fan harren status as frije Friezen ôf en der hearrigen fan meitsje. Syn ynkomsten út it gebiet soene dêrmei folle heger wurde. Hy liet de greve fan *Âldeboarch* (*Oldenburg/Ooldenbuurich*) twa twangboargen bouwe (de *Lechtenburg* en de *Lineburg*) en begûn terreur út te oefenjen. Dêr hearde ek it ûntfieren fan froulju by en it

easkjen fan losjild. Op harren tingdei (gearkomste fan belangrike manlju) besleaten de Stedingers dat der yngrypt wurde moast. Yn 1204 feroveren se de kastielen en straffen se de ynwenners neffens it Fryske rjocht. Dêrnei foarmen de Stedingers in leger en wegeren se fierders noch belesting te beteljen.

De nije aartsbiskop fan Bremen liet dêrnei oan de grins fan Stedingen in nije stins bouwe (de *Schlutterburg*) dêr't syn broer, greve Hermann II fan Lippe, yn loek. Mei Krysttiid 1229 kaam it ta de earste slach tusken de Stedingers en de ridders fan de aartsbiskop. De Stedingers wûnen ta ferrassing fan eltsenien en de greve waard deamakke. De Stedingers bleauwen frij. Dêrnei gie de biskop nei de paus en frege om tastimming foar in krústocht tsjin de Stedingers. Dominikaner muontsen reizgen it Hillige Roomske Ryk troch om manskippers op te roppen. Der waard in krúsleger foarme en yn 1233 waard it part fan Stedingen oan de eastkant fan de Wezer oanfallen en ferovere. De Stedinger manlju waarden yn de striid deaslein en froulju en bern waarden op 'e brânsteapel set. De lju oan 'e westkant fan de Wezer wisten no wat har te wachtsjen stie. Doe't it krúsleger harren letter oanfoel, waard dat ferslein en moast it him weromlûke. Yn de maitiid fan 1234 giene de dominikaner muontsen op 'en nij rûn om ta in nije krústocht op te roppen. Der ûntstie in noch folle grutter krúsleger dêr't ek greve Floaris IV fan Hollân in bydrage oan leve-



Ympresje fan de Schlutterburg (Google ôfb.).

¹ Sjoch foar diel I fan dit artikel *Nij Frisia*, jrg. LXXI, nû. 2, simmer 2022, s. 25-28.



Krústocht tsjin de Stedingers (Google ôfb.).

re. Dat wie tefolle foar de Stedingers. Fiiftûzen Stedingers kamen om. Se waarden fertrape, deastutsen of se ferdronken op har flecht yn 'e Wezer. Eltsenien waard it gebiet útjage. It wie dien mei de frije Friezen fan Stedingen.² Dêr is it biewurd 'Leaver dea as slaaf' letterlik wierheid wurden.³

Klaas Stortebeker (Klaus Störtebeker)

Klaas Stortebeker⁴ wie in markante figuer út de skiednis fan East-Fryslân. Hy wie piraat en hy is op 20 oktober 1401 yn Hamboarch/Hamburg eksekutearre. Syn beretplak is net hielendal dúdlik, it soe Termunten yn Grinslân wêze kinne, mar ek Wismar oan de Eastsee. Hy waard Stortebeker neamd omdat er yn ien kear in bierkanne fan 4 mingel (liter) leechdrinke koe. Hy wie de baas fan in seerôversbinde dy't de Likedieler neamd waard. Dêrta hearden ek syn kompanen⁵ *Magister Wigbold* en *Godeke Michels*. Likedieler betsjut 'lykdieler'. Dat wol yn dit ferbân sizze dat se allegearre likefolle fan de bút krigen.

Stortebeker wurke oan it begjin fan syn seerôverskarriêre foar Sweden dat yn oarloch wie mei Denemark. Yn de Eastsee ferovere er Deenske skippen en har guod. Yn 1389 wisten de Denen hast hiel Sweden te feroverjen, allinnich Stockholm hold noch stân. De stêd waard belegere, mar tanksij Stortebeker krigen de ynwenners

foarrieden en koene se stânhâlde. Troch dy yn beslach nommen foarrieden, de saneamde *fiktualiën* (proviand), krigen de Likedieler de bynamme *Fiktualiënbruorren* (ek wol: Fitaliënbruorren). De Likedieler fochten mei en wisten Stockholm te ûntsetten. Doe't de

² Sjoch oer de frijheidsstriid fan de Stedinger Friezen ek *Nij Frisia* (jrg. LXX, nû. 1, maitiid 2021, s. 19-26): Sytze T. Hiemstra 'De Slach by Hartwarden betocht: rede fan Hans-Rudolf Mengers' (s. 19-22); Sander Hoekstra, 'De slach by Hartwarden (1514): de ein fan de Fryske frijheid yn Bûtjadingen en Stadland' (s. 23-26).

³ Sjoch foar de frijheidsstriid fan de Friezen yn West-Fryslân: Sytze T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVIII, nû. 2, simmer 2019) mei as titel 'De genoside fan "Froanen" (1297): foar- en neispul (I)' yn de rubryk 'Ús eigen Taal [31]' (s. 3-5-11, earste diel). It twadde part stiet yn: *Nij Frisia* (jrg. LXIX, nû. 1, maitiid 2020) mei as titel 'De genoside fan "Froanen" (1297): foar- en neispul (II)' yn de rubryk 'Ús eigen Taal [33]' (s. 3, 5-11). En it tredde part yn: *Nij Frisia* (jrg. LXX, nû. 2, simmer 2021) mei as titel 'De genoside fan "Froanen" (1297): foar- en neispul (III)' yn de rubryk 'Ús eigen Taal [37]' (s. 3, 5-9). In ferfolchartikel mei in reaksje fan Tom Wester is 'De genoside fan "Froanen" (1297): foar- en neispul (IV)' en stiet ek yn de rubryk 'Ús eigen Taal [39]' (*Nij Frisia*, jrg. LXXI, nû. 1, maitiid 2022, s. 3, 5).

⁴ Stortebeker betsjut: de mok (beker) yn ien kear (swolch) leechdrinke.

⁵ In 'kompaan' is in maat of kammeraat: Latyn 'companiono', fan 'com' (meiïnoar) en 'panis' (brea), dus ien dêr't men it brea mei dielt.

frede sletten wie, krigen de piraten gjin kaperbrieven⁶ mear fan de Hanzestêden⁷ oan de Eastsee en wieken se út nei de Noardsee. De nije thúshaven fan Stortebeker waard doe *Marienhaf*e yn East-Fryslân, dat yn it amtsgebiet fan syn freon Widzel tom Brok(e)⁸ lei. Tom Brok wie in haadling en foarrinner fan de Cirksena-dynasty.⁹ De striid tusken de Fryslannen en Hollân wie yn 1396 oplôge en Stortebeker focht mei tsjin de Hollanners.

Begjin 1400 besleat de stêd Hamboarch as lid fan de Hânze om de Likedielers oan te pakken. By in seeslach op de Westeriems waard harren in swiere klap tabrocht. De Fryske haadlingen, dy't Stortebeker oant no ta beskerme hiene, besleaten om him nei de nederlaach op de Iems gjin ûnderdak mear te bieden. Stortebeker flechte doe mei 114 fan syn manlju nei de Hollânske greve Albrecht fan Beieren, dêr't er wól wolkom wie. No siet er feilich yn Hollân en begûn wer om skippen te oerfallen. ûnder lieding fan Simon fan Utert waard troch de Hânze nochris in float byinoar brocht en yn 1401 kaam it ta in seegefjocht by Hilgelân/Helgoland. In ferrieder op it skip fan Stortebeker soe lykwols smolten lead yn de skalmen¹⁰ fan it keatling getten hawwe dêr't it roer mei betsjinne waard. It gefolch wie in ûnbestjoerber skip. Stortebeker en syn kompanen ferlearen de slach. Sa'n 40 piraten sneuvelen en 73 waarden finzen naam. Se waarden nei Hamboarch brocht om berjochte te wurden foar piraterij. In leginde seit dat Stortebeker yn ruil foar syn frijlitting in keatling fan goud oanbea dy't lang genôch wie om in ring om hiel Hamboarch te foarmjen. De piraten waarden lykwols ta de dea feroardiele. Klaas Stortebeker stelde dêrby oan de boargemaster foar om alle kompanen dy't er nei syn ûnthalzing noch foarbyrinne soe, frij te litten. Dat naam de boargemaster oan. Mar wat barde der? Klaas Stortebeker kaam oerein en rûn 11 fan syn kompanen foarby. Doe smieten se him in blok hout foar de skonken. De boargemaster hold syn wurd net. Ek syn 11 maten dy't er foarby rûn wie, waard de kop ôfslein.

Sa waarden der op it skiereilân *Gasbrook* by de Elbe yn Hamboarch 73 minsken ûnthalze. Út argeologyske fynsten docht bliken dat dit lêste wier bard is, hoewol't it oantal oars west hawwe kin. Nei ôfrin soe oan de boal frege wêze oft er net wurch wie fan it ôfslaan fan safolle hollen. Hy sei fan net en ek dat er noch maklik by steat wie om ek al de rjochters te ûnthalzjen. Dat hat de boal net oerlibbe. De jongste fan 'e rjochters moast him dêrnei ek ûnthalze.¹¹ Magister Wigbold en Godeke Michels waarden letter ek finzen naam en yn de maitiid fan 1402 yn Hamboarch deamakke.

Yn Hamboarch stiet in stânbyld fan Klaas Stortebeker en yn de eardere DDR wurdt Stortebeker noch hieltyd fereare fanwegen it likedelers-prinsipe. Alle jierren wurdt op it eilân Rügen tichteby Stralsund it *Störtebeker-festival* holden.

* *Tom Wester wennet yn Obda[a]m (West-Fryslân, provinsje Noard-Hollân), is pensjonearre learaar natuerkunde (middelber beropsûnderwiis), redaksjelid fan it jierboek fan it Westfries Genootschap (ûnderdiel dialekt) en lid fan ien fan de fjouwer 'skroifgroepen' dy't der yn West-Fryslân binne. It boppesteand artikel út it jierboek*

⁶ Mei in kaperbrief kriget in kaper tastimming fan de oerheid of kening om skippen fan 'e fijân oan te fallen en leech te rôvjen.

⁷ In **hanze** of **hanza** ('groep', 'skare' of 'gefolch', fan it Âldheechdútsk *hansa*) wie in gearwurkingsferbân fan hannelers en stêden yn de Midsiuwen.

⁸ Tom Brok, ek wol: tom Broke, tom Brook, tom Broek, ten Brok, ten Broke. Dat betsjut 'by it moeras/de sompe'.

⁹ De Cirksena-dynasty wie in foarname adellike famylje út East-Fryslân dy't fan 1464 oant 1744 regearre oer it greefskip East-Fryslân.

¹⁰ 'Skalmen' binne skeakels, rûne of ovale ringen dy't ynoar gripe en sa in keatling foarmje.

¹¹ Inkelde oanfoljende opmerkings en fragen fan Hauke Friedrichs yn 'Der Feind unserer Feinde' út: *Zeit Geschichte, Die Hanse*, nû. 3, 2021, s. 87-88) binne grif nijsgjirrich:

'Die Legende jedenfalls, nach der die Hamburger Störtebeker auf dem Gasbrook enthaupten ließen, hat sich bis heute gehalten. Allerdings taucht Störtebeker in der einzigen Hamburger Quelle zur Seeschlacht vor Helgoland, in den Kämmerbüchern, nicht auf. Er dürfte im Jahr 1400 also eher nicht zu den Hingerichteten gezählt haben. Zumindest die Vitalienbrüder, zu deren Anführern er gehört haben soll, sind eindeutig belegt. Aber was sich hinter dem Namen verbirgt, ist ebenfalls umstritten. Waren sie Piraten, die auf eigene Rechnung Handelsschiffe der Hanse enterten? Woher rührt der eigentümliche Titel? Stahlen sie nur Essbares, also "Vitalien"? Oder belieferten sie belagerte Städte mit Nahrung und brachen Blockaden? Geht der Begriff auf Versorgungsgruppen (vitaillieurs) aus dem Hundertjährigen Krieg zwischen Frankreich und England zurück?

Neue Forschungen des Historikers Gregor Rohmann zeigen, dass es eine fest organisierte Bruderschaft von Seeräubern unter diesen Namen wahrscheinlich nie gab. Wohl aber waren Vitalienbrüder politische und kriegerische Akteure, die vor allem Ende des 14. Jahrhunderts auf der Ostsee und der Nordsee eine Rolle spielten. Mal kämpften sie zusammen für ein Auftraggeber, mal gegeneinander.

Um 1400 bezeichneten die Hansestädte mit "Vitalienbrüder" jeden, der ihre Handelsschiffe angriff. So benutzt, sollte der Ausdruck vor allem die Kräfte der Gegenseite diskreditieren – Städte wie Lübeck oder Danzig hatten aber kein Problem, selbst Vitalienbrüder in Dienst zu nehmen, wann rasch Krieger gebraucht wurden. Weder die Mitglieder der Hanse noch die Adligen der Küstenregionen verfügten über eigene Geschwader von Kriegsschiffen; auch Marinesoldaten unterhielt niemand dauerhaft. Den Seekrieg delegierten die Anrainer von Ost- und Nordsee an Söldnergruppen und an Kaufleute, die Schiffe zur Kaperfahrt ausrüsteten.'

SisTsiis yn 'e lijte

Al in hiel skoft ha wy neat mear heard fan de boargeraksgroep SisTsiis, op 22 desimber 2016 úteinset mei in fakkeloptocht troch Ljouwert, dêr't in trijehûndert minsken yn meirûnen. Se rôpen de provinsje op mear wurk te meitsjen fan Frysk yn it ûnderwiis. Foar Fryske begripen wie dat in grutte opkomst.

Sa grut dat se op 'e Twibaksmerk suver wat senuweftich waarden. Wat soe der efterwei komme? De striidgjalpen liigden der net om: Frysk op skoalle is in bernerjocht en Frysk is in minskerjocht. Dat der noch te folle skoallen yn Fryslân binne dy't neat of amper wat oan it Frysk dogge en dat se goaien noch oan ta ek noch ûntheffing krije, dat wie in grut skandaal, watsai, in 'misdied'! Nammers 'de memmetaal spilet in ûnskatbere rol yn de ûntjouwing fan jins persoanlike en kulturele identiteit'.

Mei in berop op net allinne de grûn- en taalwet, mar ek op Europeeske en ynternasjonale ferdraggen mienden de SisTsiizers de bestjoerders oertsjûge te kinnen fan har gelyk. Mar gelyk hawwe en gelyk krije, dat is foar wa't hillich yn syn opdracht leaut, in saak fan hiel lange azem. Dat is allinne mar weilein foar in pear diehards dy't de striid folhâlde, al is it tsjin better witten yn.

Al ridlik gau ûntstiene der twa kampen doe't bliken die dat it net ta koe mei demonstraasjes, mar der ek lange juridyske gefochten nedich wiene. Fryslân is nammers ûnderhearrich oan Haachske wetten en it ûnderwiis is en bliuwt in nasjonale saak.

“Sels foar de FNP is de taal gjin prioriteit mear

Dat doe't de provinsje it beswierskrift tsjin it ûntheffingebelied ein 2017 ôfwisde, wie de kater grut en de rispinge meager: in deputearre, sels Sietske Poepjes as selsbe-neamde taalskipper, kin op syn heechst allinne mar wat skipperje, mei as wif kompas in Bestjoersoerienkomst, dy't om 'e fjouwer jier opnij de koers bepaalt, mar folle gong sit der net yn.

Yn april 2019 hat de hurde kern fan SisTsiis noch yn De Haach west om te demonstrearjen, mar fierder as de strjitte binne se net kommen. It heechst helbere dat de beweging berikte, is it yn it Taalplan Frysk opnommen stribjen dat yn 2030 alle ûntheffingen fan tafel wêze sille, om't alle skoallen dan oan de keardoelen Frysk foldwaan moatte.

Neffens it okkerlêsten útbrochte tuskenrapport lizze de skoallen fier efter op it skema. Boppedat: wa sil se kontrearje? De ynspeksje yn alle gefallen net, dy mjit de kwaliteit fan it basisûnderwiis allinne mar ôf oan de lanlike taalnoarmen fan it Hollânsk. En mei de jimmer positive hâlding fan de steaten komme wy gjin stap fierder. Mei de mûle belide is wat oars as mei dieden stypje.

Sels by de FNP, in taalpartij by âlds, is it Frysk allang gjin prioriteit mear. 'Hiel gewoan mar stikemwei hiel bysûnder' hjit it suver ferûntskuldigjend earne healwei yn har frijwat behâldende ferkiezingsprogram *Sa dogge wy dat hjir*.

Wa smyt no noch de kneppe?

No't de boeren har momint pakt hawwe, mei aksjes de iene noch brutaler as de oare, is in nuete taalbeweging as SisTsiis foargoed ta de lijte feroardiele. Har foaroman Piter Dykstra fiert dêr in ienmansaksje yn de Berneboekewike en trunet de pleatslike boekhannel oan om de Frysktalige berneboeken net op in janpoepsplak yn 'e winkel te lizzen.


Want dat feroaret ek noait blykber.

pieterjan.de.groot@planet.nl



Stânbyld fan Klaas Stortebeker yn Hamboarch (<http://www.bildarchiv-hamburg.de>).

fan it Westfries Genootschap (2020) is troch Tom Wester yn it Hollânsk skreaun en mei yllustraasjes oanlevere (15-11-2021). It is troch Sytze T. Hiemstra oerset yn it Frysk. Hiemstra hat ek de ferdúdljikjende noaten tafoege. It wurdt yn trije of fjouwer parten publisearre yn Nij Frisia. It foarste part fan dit artikel hat stien yn Nij Frisia, jrg. LXXI, nú. 2, simmer 2022. s. 25-28.



„RUF DER FREIHEIT“

23. JUNI BIS 08. SEPTEMBER 2018

MONTAG BIS SAMSTAG UM 20 UHR | NATURBÜHNE RALSWIEK AUF RÜGEN
Ticket - Hotline 038 38 - 31 100 www.stortebeker.de

Oanplakbiljet foar it Stortebekerfestival op Rügen.

Feriening Frysk ûnderwiis (FFU): It moat oars, sil it mei Frysk op skoalle noch wat wurde!

Nei oanlieding fan de **Tuskenrapportazje BFTK¹**, dêr't yn konstatearre wurdt dat it mei it **Taalplan Frysk** fan de provinsje Fryslân net neffens de ferwachting giet, hawwe foarsitter (drs. Tom Dykstra) en skriuwer (drs. Sytze T. Hiemstra) fan de **Feriening Frysk ûnderwiis (FFU)** oer dat **Taalplan** in ûnderwiiskundige analyse skreaun.²

It ûnderwiisbelied foar it Frysk is net effektyf

It falt op as in bestjoerder – yn dit gefal deputearre Poepjes – it eigen ûnderwiisbelied as net-effektyf kwalifisearret. Yn de *Tuskenrapportazje* oer de stân fan saken mei de fuortgong fan de doelen yn de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2019-2023* wurdt û.o. konstatearre dat der noch gjin sprake is fan in groei fan trijetalige skoallen. Yn in fraachpetear fan it *Friesch Dagblad* fan 4 july 2022 oer dy *Tuskenrapportazje* die de deputearre dêr de fiergeande útspraak oer: “Skoallen bliken net de ambysje te hawwen om fierder te groeien nei in heger nivo.” Fiergeand, want sawol de *Bestjoersôfspraak 2019-2023* as it *Taalplan Frysk 2030* binne beliedsmjittich basearre op ambysje fan skoallen en persoanen. Yn de *Bestjoersôfspraak* wurdt de **ferwachting** útsprutsen dat yn 2030 alle skoallen oan de kearndoelen Frysk foldogge. Taakstellende stappen yn de perioade fan tsien jier dêroan foarôf siket men om 'e nocht. Mei it dwaan fan in moreel appèl op skoallen en it bieden fan fasiliteiten tinkt de oerheid syn ferantwurdlikheid foar it ûnderwiis yn it Frysk wier te meitsjen.

Hoewol't skoallen yn Fryslân in emansipearjende taak

¹ Sjoch ek: [Mear omtinken foar it Frysk | It Nijs](#).

² Ek oan te klikken op 'It Nijs' d.d. 8 okt. 2022: https://www.itnijs.frl/wp-content/uploads/2022/10/220816-Besprek-Taalplan-Frysk.pdf?fbclid=IwAR0k8odOyanwb-2x_3Yr-1KjU8yVTinuLL1809np-Ld0j_slyHnN-x30_64

hawwe – bern tariede op de fanselsprekkende behear-sking fan de libbene twadde rykstaal – wol dat noch net sizze dat de mearderheid fan de skoallen dat ek sa fynt. Skoallen passe harren ideologyske en pedagogyske útgongspunten graach oan by dominante krêften yn de maatskippij as dat harren better útkomt.

Hollânsk, Hollânsk en jitris Hollânsk ...

Boppedat wurdt de kwaliteit fan it (basis)ûnderwiis yn Fryslân ôfmetten oan de (iensidige) taalnoarmen foar it Hollânsk. De kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk docht der net ta en de ynspeksje hat dêr gjin opdracht foar. Wêrom soenen learkrêften dan it Frysk behearskje moatte? De skoallen hawwe fan de wetjouwer it foech krigen om sels te bepalen yn hoefier oft hja de ferplichting Frysk yn it skoaloanbod akseptabel fine (in unike en ûndemokratyske draachflakkonstruksje). De deputearre hat it yn sa'n situaasje dan ek dreech om de doelstelling te realisearjen dat alle skoallen yn 2030 oan de kearndoelen Frysk foldogge.

It oerheidsbelied hat sa in twaslachtich karakter. Oan de iene kant dierbere wurden oer wearde en belang fan meartalich ûnderwiis mei in 'substansjeel plak' (Hân-fêst) foar it Frysk, mar yn it belied wurdt wurke mei 'spegeltjes en kraaltsjes' (fasiliteiten fan *Taalplan Frysk 2030*). Op himsels is der neat mis mei it bygelyks ynsetten fan in 'taalstiper', mar der ûntbrekt in taakstellend stappeplan om yn 2030 ek werklik op alle skoallen yn alle groepen in trochgeande learline Frysk yn it skoaloanbod opnommen te hawwen.

Boppedat is it ek noch ûnwis wat it nivo wêze sil fan de nije generaasje kearndoelen Frysk. Sûnt de ynfiering fan kearndoelen hawwe eardere deputearren gehoar jûn oan it ferset fan skoallen troch mei te gean yn it tinken dat skoallen te motivearjen wêze soenen troch it skrasen fan safolle mooglik oanbod. Sa kin men wol frede mei de duvel hâlde, mar it *Rapport Taalplan*

Frysk 2018 en no ek wer de *Tuskenrapportaazje BFTK* jouwe de (wrede) realiteit oan: nei jierrenlang ferplichte ûnderwiis yn it Frysk stiet it der noch altiten – op in tal geunstige útsûnderingen nei – min foar. Frysktalige bern ferbrekke harren hieltyd faker yn de omgong mei oarstalige bern. Sels bern út Frysktalige húshâldings geane soms hielendal op it Hollânsk oer as de dominânsje fan it Hollânsk yn de groep, op 'e strjitte en op skoalle te sterk is.

It sluten fan 'lytse' skoallen by te min learlingen is dan ek in negative faktor om de doelstellings fan *BFTK 2019-2023* en *Taalplan Frysk 2030* te realisearjen. Yn oerbliuwende skoallen, mei yn ferhâlding mear oarstalige bern, is it Frysk as fiertaal gauris minder fanselsprekkend, wylst soks foar in lykwichtige taalúntwikkeling fan grut belang is.

De 'draachflak'-konstruksje yn de wetjouwing is ûndemokratysk en in foarm fan negative diskriminaasje

It is sa klear as in klûntsje dat de oerheid as hoeder fan goed ûnderwiis yn it Frysk syn ferantwurdlikens net ôfskowe kin op **mear of minder ambysje fan de**

skoallen. It **Konsultatyf Orgaan** hat dat ek al dúdlik oanjûn by de plannen fan de rykskommisje-Hoekstra (2010) foar in (ûndemokratyske) draachflakkonstruksje. Skoallen kinne dan sels bepale yn hoefier't hja de ferplichting fan taalûnderwiis yn it Frysk winsklik fine en dêrmei it rjocht op ûnderwiis yn de taal ûndergrave.

Yn it Besprek Taalplan Frysk (hjiûnder folget it earste part) wurdt in benammen ûnderwiiskundige analyse jûn fan it oerheidsbelied foar it ûnderwiis yn it Frysk. It sil oars moatte, wol der noch in takomst foar de Frysktalige mienskip wêze. It tal fan hûs út Fryskpraters is al ûnder de 50% sakke, mei troch de gefolgen fan migraasje, sûnder dat de taal yn it eigen taalgebiet in lykwear-dich plak yn it ûnderwiis krige. No't deputearre Poepjes ek ynsjocht dat it oerheidsbelied mei it Frysk yn it ûnderwiis sa op in mislearring útdraait, is der hoop op ferbettering. It Taalplan liket foldwaande te wêzen, mar dat is net sa. It brûken fan it Frysk nimt noch hieltiten ôf, sa't wy yn it *Besprek* oanjouwe en yn 2030 moatte wy net wer konstatearje dat de skoallen gjin ambysje hawwe. Wolle jo witte hoe't de foarke yn 'e stâl sit, dan is it lêzen fan it *Besprek* gjin lúkse.

Besprek fan it Projektplan Taalplan Frysk 2030 (ferzje novimber 2021) (I)

Taalplan Frysk 2030 is sympatyk bedoeld, mar neat hoecht: belied allinne rjochte op ambysje fan de útfierder stiet in lykwaardige posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis yn it paad.

1 Ynlieding

Mei it *Taalplan Frysk 2030*³ wol de provinsje it Frysk yn alle ûnderwiissektoaren fuortsterkje. Yn dat jier 2030 – sa is de ferwachting fan de oerheid – soenen alle skoallen gjin ûntheffing mear nedich hawwe en oan alle keardoelen foldwaan kinne. Hoewol't útfierende ûnderwiisorganisaasjes mei in ferskaat oan stypjende maatregels behelpsum wêze wolle, is it de fraach hoe grut oft de kâns fan slagjen wêze sil. Dêr komt noch by dat der noch gjin nije keardoelen Frysk fêststeld binne en de hjoeddeiske yn 2006 yn nivo ferlege binne om skoallen te motivearjen om it ûnderwiis yn it Frysk better oan te pakken. It resultaat wie lykwols dat ek by de yn nivo ferlege keardoelen Frysk der gjin dúdlike ferbettering fan it ûnderwiis yn it Frysk te merkbiten wie (*Ynspeksjerapporten* fan 2010 en 2019 en *Rapport Taalplan Frysk*, 2018).



It *Taalplan Frysk 2030* (ferzje novimber 2021) jout gjin beskriuwing fan de maatskiplike posysje fan it Frysk en de wetlike posysje fan de taal yn it ûnderwiis yn ferliking mei it Nederlânsk. Dy posysje lit him as swak en net lykwaardich beoardielje. Yn de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023* geane Ryk en provinsje út fan de **ferwachting** dat alle skoallen yn 2030 gjin ûntheffing mear nedich hawwe sille. De nije generaasje keardoelen – en dy foar it Frysk – binne noch net bekend.

Sa'n **ferwachting** fan de oerheid hat wat wei fan 'wishful thinking'. It falt op dat de tsjinstanners fan goed ûnderwiis yn it Frysk harren stilhâlde yn tsjinstelling ta de

³ [DS-Taalplan Frysk 2030.pdf](#)

foarstanners. Sa is der yn 2008 al in *Oanfalsplan Frysk*⁴ mei Steateleden en saakkundigen besprutsen, hat de aksjegroep *Sis Tsiis* yn 2016 in demonstrative optocht holden⁵ en publisearre de *FFU* yn 2021 in brosjuer⁶ oer it op efterstân hâlden fan it ûnderwiisbelied foar it Frysk. Mar de frijbliuwendheid wurdt oerein holden.

Yn in demokrasy heart it yn it foarste plak net te gean om it **rjocht fan de sterkste**, mar om de **sterkte fan it rjocht**. In foarbyld. Wylst it in oproppene yn de rjochtbank al sûnt 2014 by wet tastien is om it Frysk te brûken, miende in offisier fan justysje okkerdeis dat er it dat net ferstean hoegde te kinnen. Frysk soe mar ‘plat’ wêze. Lokkich wie de rjochtbankfoarsitter it net mei him iens, mar it is in sprekking foarbyld fan de rjochtsûnwissens yn Nederlân as it om de taal fan in autochtoane minderheid – it Frysk – giet en dat ek noch wol by de rjochtbank.

Yn it neikommende besprek fan *Taalplan Frysk 2030* sjogge wy yn paragraaf 2 efkes nei de histoarysk ûntstiene posysje fan it Frysk yn Nederlân en yn paragraaf 3 wurde de ymplementaasjemaatregels yn it projektplan tsjin it ljocht holden. Yn paragraaf 4 besjogge wy de ûntstiene knyp punten, dy’t derfoar soargje dat der fan in wêzentlike foarútgong mei it Frysk yn it ûnderwiis eins gjin sprake is. Yn paragraaf 5 nimme wy it projektplan troch om yn detail oanjaan te kinnen hoe’t der beliedsmjittich stappen foarút set wurde kinne en ek set wurde moatte. Paragraaf 6 is in krityske gearfetting fan it ûnderwiisbelied mei yn de efterholle de fraach oft it Frysk foar de takomst (yn it ûnderwiis) sa noch in echte kâns kriget.

2 In histoarysk útstapke

Hoe komt it eins dat yn it ‘demokratyske’ Nederlân de oerheid sa mei de Fryske befolkingsgroep en syn twadde rykstaal (dat wol!) omgiet? Nederlân, dat graach krytyk hat op oare (!) lannen, bygelyks op Sina om it skeinen fan de minskerjochten (Tibet, Oeigoeren).

Yn de foarming fan de *Bataafse Republiek* nei de Frânske ynfal yn 1795 kamen de unitaristen (ienheidssteat) by it opstellen fan in grûnwet foar de federalisten (federalistyske steat) oer te stean. Mei in steatsgreep (1797) waarden de federalisten útskeakele en eltse foarm fan gewestlike selsstannigens yn de ban dien. ‘Vrijheid, gelijkheid en broederschap’ brocht bygelyks wol frijheid fan godstsjinst, mar gjin (taal)frijheid yn it ûnderwiis. Wie it ûnderwiis oant dan ta in gewestlike saak, no waard it Nederduyts ek yn

Fryslân de ferplichte taal (L.O.-wet 1803). It Frysk – oant dan ta in gewestlike ferantwurdlikens – waard mei klam ôfret.

It Ferljochtingsideaal fan ‘beschaving’ fan de Nederlânske naasje pleatste it Frysk yn de kategory ‘onbeschaafd’ en dat is oant foar koart ek sa bleaun: it Hollânsk as *Algemeen Beschaafd Nederlands* en yn de 20^{ste} iuw eufemistysk ABN neamd. Hjoed-de-dei hawwe wy it oer in standerttaal. Op himsels is der neat mis mei it hawwen fan in standerttaal, mar in kwalifikaasje fan it Frysk as ‘onbeschaafd’ wie diskriminearjend. Dy lytsachting klinkt noch nei yn de typearring troch de niisneamde rjochtbankfunksjonaris fan it Frysk as ‘plat’. Yn sawol it Ingelsk as it Hollânsk kin (ek) ‘plat’ praat wurde, mar talen binne as taal lykweardich.

It nije Keninkryk (1813/1815)⁷ stie oan op de nedige ienheid en in mienskiplike identiteit. It Hollânsk wie dêrta in gaadlik middel. It Frysk waard in saak foar ‘thús’. Boppedat wienen de gelearden it deroer iens dat in bern mar ien taal goed leare koe en dat moast dan wol de ienheidstaal wêze mei as biedwurd: **Ien lân, ien folk, ien taal**. Dêrmei waard de assimilaasje fan de Friezen offisjeel. Bewust Frysktalich wêze wolle en dêr romte foar freegje waard (en no noch wol) as ‘onvaderlandslievend’ besjoen en as in ferkeard soarte fan nasjonalisme ôfwiisd. In myte dy’t foar de Fryske mienskip desastreus wurke hat en noch wurket. Om in Nederlânsktalich skiednisboek út 1958 (!) te sitarjen oer de Frânske oerhearsking: *‘De vernedering en het lijden van de Franse tijd smolten de Hollanders, Zeeuwen, Friezen enz. eindelijk samen tot één volk. Ook het krachtige centrale bestuur werkte de eenheid in de hand’* (Westendorp Boerma, 1958, s. 298).⁸ Mei ‘ien folk’ is unifoarmiteit bedoeld: gelikens mei ôfwizing fan ‘ienheid yn ferskaat’. Gewestlike autonomy wie út de tiid en moast ôfskaft wurde en dêrmei ek de gewestlike taal.

Sûnt dy tiid is it de Friezen ynpipere dat it Frysk (op

⁴ [FFU-Oanfalsplan Frysk, 2de pr.291008.pdf](#)

⁵ <https://piterdykstra.nl/webproefkes/aksjes.html>

⁶ <http://ffu-frl.eu/PDF/211015Tom%20Dykstra-Fryskunderwiisbeliedopefterstandef.brosjuere.pdf>

⁷ Yn 1813 waard de soan fan de lêste steedhâlder, Willem Frederik, útroppen ta soeverein foarst en yn 1815 rôp dy himsels út ta Kening fan it nij foarme ‘Koninkrijk der Nederlanden’: Koning Willem I.

⁸ J.J. Westendorp Boerma, *Leerboek der Geschiedenis*, dl. I (Zwolle: N.V. uitgevermaatschappij W.E.J. Tjeenk Willink, 1958, 6^{de} dr.).

skoalle) echt net kin en de praktyk is dêr ek neffens. Alden sille – op in inkeling nei – gjin Frysk op skoalle foar harren bern bepleitsje, al soenen in protte dat wol oars hawwe wolle. Sels hawwe hja yn harren skoaltiid eins ek neat oars meimakke. De regel dat neffens it *Taalplan Frysk 2030* ‘in goede behearsking fan de memmetaal weardefol is foar de taalúntwikkeling’ is dan ek in slach yn ‘e loft as sjoen wurdt nei de hjoeddeiske realiteit. Al generaasjes lang is der ‘wittenskiplik’ fan útgien dat it Frysk in behindering is om bern it Hollânsk goed te learen en wy soene de learkrêften net de kost jaan wolle dy’t der winliken noch sa oer tinke. Soks wurket noch lang nei en wurdt fersterke troch it tige beheinde plak fan it Frysk yn it iepenbiere libben.

Lang hawwe ûnderwiisynspekteurs ek sa tocht en dêrneffens hannele. Guon dogge dat noch wol. De steatsnasjonale ûnderwiisynspeksje hat yn de 19^{de} en 20^{ste} iuw syn wurk foar de standerttaal sa ‘goed’ dien dat it Frysk noch hieltyd net gewoan en fanselsprekkend yn alle taaldomeinen is, sawol mûnling as skriftlik. Nij ynsjoch lykas it belang fan ‘culture diversity’ en meartalich ûnderwiis wurdt de lêste tiid

Der moat no einlings ris ‘rjocht’ dien wurde!

Dy stiid is noch lang net foarby en wy dogge sadwaande benammen in driuwend berop op ús beliedsmakkers en steatleden om folslein har eigen ferantwurdlikens te nimmen. Ús politisy binne der om it *algemien belang* te tsjinjen en se meie har net ferskûlje efter (guon) skoalmanagers dy’t op ferkearde ideologyske grûnen it Frysk leafst safolle mooglik bûten de skoalle keare wolle.

It Frysk moat dus as fak en as fiertaal (oan it Hollânsk) lykweardich plak krije yn ús ûnderwiis mei:

1. alle jierren in effektive kwaliteitsbeoardieling;
2. learkrêften dy’t it op ridlike temyn it Frysk allegearre goed behearskje;
3. it ûntwikkeljen fan yntegraal meartalich lesmateriaal foar in meartalich konsept, werby’t de lesstof systematysk, ôfwikseljend en lykweardich yn de trije ferplichte talen oanbean en leard wurdt.

Stride jo ek mei? Dan leafst opjaan by: fupost@hotmail.com.

De doelen fan de Feriening Frysk Underwiis (FFU)

Goed titchjier lyn is de *Feriening Frysk Underwiis (FFU)* oprjochte (yn 1987) om lykberjochting te krijen foar it Frysk (klik ris op: www.ffu-frl.eu) en stribbet de neikommende doelen nei:

1. It Frysk moat de earste taal wurde yn Fryslân, dus ek yn it ûnderwiisdomein. Dat hâldt ûnder mear yn dat it Frysk yn it eigen taalgebiet in normaal, folslein akseptearre, mûnling en skriftlik kommunikaasjemiddel wurde moat en as sadanich yn it meartalich ûnderwiis as fak en as fiertaal in folweardich plak fer-tsjinnet.
2. It Frysk moat in ferplichte (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en ek in ferplichte ynstruksjetaal (by oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal/fuortset ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De loarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moatte systematysk en frekwint folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learingfoelch- en toets(ings)sysieem.
3. De keardoelen en eksameneasken foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de keardoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat folslein by de provinsje Fryslân lizze.
4. Op it nivo fan de skoalle as organisaasje moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opschriften, brievepapier ensfh.). Dy sichtberensask moat ien fan de bevestigings- en subsyzjebetingsten wêze.
5. De Fryske leariere-opliedings foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy’t it Frysk as ynstruksjetaal brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje mei in dúdlike ûndergrins.
6. De learmiddels foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk yntegraal in op syn minst lykweardich plak jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy yntegrale learmiddels moatte ûnderling systematysk ferlike wurde op ferskillen en oerienkomsten.
7. Alle ûnderwiisynspekteurs en ûnderwiisbegelieders dy’t (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in toidwaande nivo behearskje en in goede kennisse hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis.
8. Nije ynkommeelingen/migranten yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoeane kinne (bgl. troch it op in folwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen).
9. Der soe mear (wetlike en feilike) romte komme moatte foar learlingen bûten Fryslân om op skoallen bûten ús provinsje (op oanfraach fan de âlden) Frysk te klizen. Ek oare talen as Nederlânsk en Ingelsk (oer al ferplichte fakken) besykje oer it hiele lân op dat stik mear rjochten te krijen, wêrby’t nije digitale mooglikheden en ôfstânsûnderwiis dat yn de praktyk realisearje kinne. Der sille yn it him ûntwikkeljende Europa (EU) mear taalrjochten komme moatte foar de lytse(re) autochtone talen, wol it biedwurd ‘ienheid yn ferskaat’ gjin lege dop bliuwe en wolle dy har steande hâlde kinne foar de oerhearskjende talen oer.




op in grut tal skoallen benammen brûkt om de posysje fan it Ingelsk – en net dy fan it Frysk – te legitimearjen. In gefal fan negative diskriminaasje.

3 It ymplementaasjebelied yn it Taalplan Frysk 2030

De wichtichste projektmaatregel is dat skoallen oant 2030 (ekstra) **tiid** krije. It seit himsels dat foar it fernijen fan ûnderwiis altyd tiid nedich is. Mar alle skoallen foar primêr ûnderwiis hawwe al sûnt de ferplichting yn 1980 (dus al goed 40 jier!) de tiid hân om de saken op oarder te krijen. Sels nei de ferleging fan it nivo fan de keardoelen Frysk (dy’t net langer spegele wienen oan dy foar it Nederlânsk) is dat neffens it ynventarisearjend *Rapport Taalplan Frysk (2018)* likemin slagge. Salang’t skoallen boppedat gebrûk meitsje kinne fan wetlik tastiene ûntheffingsmaatregels kin de provinsje net folle mear as in **moreel** appèl dwaan op harren ferantwurdlikens.

Op it earste gesicht is der net folle mis mei de yn it *Taalplan Frysk* opnommen stimulearjende maatregels. Dy hawwe lykwols ien grut beswier, nammentlik in fierhinne *frijbliuwend* karakter. By in fak as ‘Nederlandse taal’ wurdt dat net tolerearre en der wurdt mei sanksjes drige as skoallen gjin foldwaande resultaten helje. Skoallen dogge der dan yn de praktyk ek alles oan om in negative beoardieling (‘zwakke school’) fan de ynspeksje foar te kommen. It giet dan benammen om de mjitbere jierlikse ûnderwiisresultaten by de fakken ‘Nederlandse taal en rekenen’. Der is gjin taferjoch op de berikte resultaten by it fak Frysk regele en fangefolgen spylje dy dan ek gjin rol yn de beoardieling fan de kwaliteit fan it ûnderwiis neffens de lanlike noarmen.



Wat binne dy ymplementaasjemaatregels yn it *Taalplan Frysk*?

- ynset fan skoalstipers;
- algemiene begelieding en omtinken foar it netwurk fan de trijetalige skoalle;
- bewustwurdingsprogramma foar âlden en learkrêften;
- oplieding (*Klasse Frysk*) en jild foar frijstelling om dy kursus te folgjen;
- soargjen foar gaadlik lesmateriaal.

De sintrale fraach is no oft dy maatregels *tarikkend* binne om de doelstelling fan it *Taalplan* yn 2030 te realisearjen. Dat leit neffens de *FFU* perfoarst net foar de hân as wy sjogge nei:

- de opleine en noch altiten slim dominante Hollânske ûnderwiistradysje sûnt de Frânske tiid;
- it frijbljuwende karakter fan de wetlike maatregels foar it Frysk;
- de iensidige druk fan de lanlike noarmeasken foar de resultaten by it ûnderwiis yn it Nederlânsk.

Sa'n belied fan efterstelling, nettsjinsteande de ferplichting fan it Frysk, hat oant no ta gjin wêzentlike feroaring brocht. De 0-mjitting yn it ramt fan *Taalplan Frysk (Rapport Taalplan Frysk, 2018)*⁹ makket dat ek pynlik dúdlik. Sa konkludearje de ûndersikers dat de taaleftergrûn fan de learkrêften en de fyzje fan de skoalle op it (fak) Frysk of op meartalich ûnderwiis gearhinget mei de takende taalprofilen. Fan dy taalprofilen hat sels de ûnderwiisynspeksje as útfierende rykstsjust de provinsje frege om dy te 'heroverwegen' (2019). De tafallige ambysje fan guon skoalbestjoeren/learkrêften om it Frysk al of net serieuus te nimmen jout noch hieltyd de trochslach.

4 De knyppunten neier besjoen

1. De unike, allinnich foar it Frysk ornearre, en antydemokratyske **draachflakonstruksje** yn de wetjouwing foar primêr en fuortset ûnderwiis jout skoalbestjoeren alle romte om it ferplichte ûnderwiis yn it Frysk neffens eigen tinken wol of amper in plak te jaan. De provinsje hat gjin hanthaveningsfoech en kin allinne moreel druk op it skoalbestjoer útoefenje. It Ryk is einferantwurdlik.¹⁰

2. De ûnderwiisynspeksje hâldt yn tsjinstelling ta it fak Nederlânsk **gjinn jierliks tafersjoch** op de fuortgong yn ûntwikkeling en resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk. De periodike meta-ûndersiken fan de ynspeksje yn it primêr en it fuortset ûnderwiis jouwe allinne op makronivo in ferslach fan de stân fan saken fan it ûnderwiis yn it Frysk.

3. Behearsking fan it Frysk is yn it primêr en it fuortset ûnderwiis **gjinn funksje-eask**, wylst behearsking fan it Nederlânsk wol in funksje-eask is. It gefolch is dat op de measte basisskoallen it Frysk as fak en as fiertaal net mooglik is, omdat learkrêften net betûft binne.¹¹ Wol of net behearsking fan it Frysk is in saak fan eigen ambysje fan de learkrêft lykas it folgjen fan in kursus (*Klasse Frysk*).

4. De yn 2015 opstelde provinsjale '**Beleidsregel**' yn it ramt fan it ûntheffingsbelied (folsleine of parsjele ûntheffing) lit skoallen op grûn fan eigen ynsjoch kieze út in tal taalprofilen mei mear of minder keardoelen (keardoelen jouwe it wetlik *minimum*-oanbod). Troch as skoalle gjinn taalprofilen mei de skriftlike feardichheden te kiezen betsjut sa'n kar dat differinsjaasje yn it lesprogramma passend by de mooglikheden fan de bern per definysje al útsletten wurdt. Mei rjocht en reden hat de Cedin-wurkgroep (2020) advisearre dat differinsjaasje in taak fan de learkrêft is en net yn de nije keardoelen Frysk thús heart.

5. Hoewol't der materiaal foar it ûnderwiis yn it Frysk as fak beskikber is, is it brûken fan de taal as ynstruksjetaal by oare fakken fan grut belang. Foar dy transfer is noch hieltyd ûnfoldwaande yntegraal meartalich skriftlik materiaal mei in folweardich plak foar it Frysk beskikber.¹²

By alle boppesteande fiif knyppunten is sprake fan negative **diskriminaasje**. Feitlik wurdt it Frysk yn it ûnderwiis op efterstân holden en komt der yn de measte gefallen fan it rjocht op ûnderwiis yn it Frysk net folle op 'e hispel.

⁹ file:///C:/Users/Heit/AppData/Local/Temp/Rapport-Taalplan-Frysk_FRL-DEF.pdf

¹⁰ Sjoch ek: <http://ffu-frl.eu/PDF/140114.2012-051.COEF.begrip.draagvlak.bij.onderwijs.in.het.Fries.pdf> (2013).

¹¹ Sjoch oer de needsaaklike ferplichting fan it Frysk as fiertaal yn de basisskoalle en yn it spesjaal ûnderwiis (2004/2005) ús webstek (www.ffu-frl.eu): <http://ffu-frl.eu/OCW-Wetl.ferank.Frlferpl.ynstruk.taal...pdf> (2005); [FFU-Frysk as fiertaal.pdf](http://ffu-frl.eu/OCW-Wetl.ferank.Frlferpl.FFU-Frysk.as.fiertaal.pdf) (2005); [OCenW-Frysk as fiertaal.pdf](http://ffu-frl.eu/OCW-Wetl.ferank.Frlferpl.ynstruk.taal...pdf) (2005); <http://ffu-frl.eu/OCW-Wetl.ferank.Frlferpl.ynstruk.taal...pdf> (2005); [FFU-Memorandum_2004.pdf](http://ffu-frl.eu/FFU-Memorandum_2004.pdf) (2005); <http://ffu-frl.eu/FFU-Frysk.as.ferplichte.fak.en.ynstruksjetaal.pdf> (2006).

¹² Sjoch bgl. op: www.fu-frl.eu (passim); ek: <http://ffu-frl.eu/PDF/170120-23.3.def.art.Hanfest-wurking-kest8.pdf> (2017); <http://ffu-frl.eu/PDF/181118-Advisory.Committee.Frame.work.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf> (2018); [http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.\[3\]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.[3]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf) (2019); <http://ffu-frl.eu/PDF/210215.def.bijdr.FFU7derapp.Handvesten4derapp.KaderverdragBZK.pdf> (2021).

Kollum fan Jaap Slager (20)*

Ús pake en de Russen

- Jim pake hie wol gelyk!
– Hee, *Stoltenberg* ...
– Do *Jens* my altiten!
– Hast gelyk. Jens! Hoe is it mei dij, jonge?
– Och, sa slacht men nearne mear nei as nei miggen en sa sit men yn it sintrum fan 'e macht – it bledsje is omkeard.
– Ja, dellings wurde *bergen* ... ik haw dêr grútsjen fan heard.
– Och, *bergen* ... men ferliest safolle oan 'e lonte as men mei de oarloch wint.
– Dy slach is dinent! Wêr wolst him ha? Haha! Mar fertel my ris, wat mei ik foar Jens dwaan?
– Jim pake hie wol gelyk ... wat dy smoar-ge Russen oanbelanget!



Jens Stoltenberg (Oslo, 1959; lofts) is in Noarsk politikus en sûnt 2014 sekretaris-generaal fan de NAFO. Vladimir Poetin (Leningrad, 1952; rjochts) is in Russysk politikus en presidint fan de Russyske Federaasje. Benammen Poetin is ferantwurdlik foar de Russyske oanfal (sûnt 2014) op de Oekraïne en dat rekket ek de NAFO en Europa.

Hjir moat ik faaks de lêzer efkes op 'e hichte bringe fan ien en oar ...

In pear jier ferlyn, doe't Jens al wakker oer it wetter jage waard, mar suver op 'e knibbels lizze moast en deklarearje in lunch, sieten wy ris tegearre oan it middeisbrochje yn it *Savoy* yn Londen en kaam te praat dat ús pake sa alderferskuorrendste benaud wie foar de Russen. 'Ik begriep dêr neat fan,' betroude ik Jens doe ta, 'de man wie deasiik en rûkte al nei de lodde en wêr makke er him drok oer? Oer de Russen, hahaha!' Jens hie ek slop west: 'Hy hie nó ris sjen moatten. Hja binne gjin turf heech mear, hahaha.' Doe't er om 'e rekken frege hie, meneuvele ik dat er it bontsje lizze litte moast: 'Ik betelje wol, jonge!' No, dat wie goed, mar hy woe perfoarst ha dat it de oare kear op it konto fan 'e NAFO kaam. 'Ja, klear, jonge!', haw ik doe wat skealik lake.


En lêsten hong er dus ynienen oan it tillefoan. Sa, no witte jim hoe let oft it is ...

- Dat ús hiele strategy moat oer de kop, Jaap. It gânse plan moat op 'en nij ginnerearre wurde, mei de Russen as grutte bedriging. En ik haw it lang en de lang net oan tiid.
– Ik begryp it, Jens. Sit der mar net oer yn, jonge, ik rêd my dêr wol mei!

Dat, as ien him ôffreget wêrom't der langer net mear fan dy flauwe stikjes útkamen ... ik wie sa drok as de brân mei it skriuwen fan it nije NAFO-plan. *Vale vale?*¹

**Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollum is skreaun op 15 july 2022.*

¹ *Vale vale* (Spaansk/Portugeesk): okee, okido, yn oarder.



By de plaatsjes en foto's:

Boppe: Hilbert Vinkenoog: de Friezen hiene yn 'e iere Midsiuwen in grut hannelsnetwurk (sj. op side 20 en 21).

Ûnder: Tom Wester: de skiedis fan de East-Friezen is ek 'ús' skiednis (f.l.n.r.: affysje Stortebekerfestival, ympresje fan de Schlutterburg, stânbyld fan Stortebeker (sj. op side 22 en 25).



De redaksje fan *Nij Frisia* en it bestjoer fan

de *Jongfryske Mienskip* winskje alle lêzers in sûn en striidber 2023 ta!

**STÖRTEBEKER
FESTSPIELE 18**

RALSWIEK · RÜGEN

„RUF DER FREIHEIT“
23. JUNI BIS 08. SEPTEMBER 2018
MONTAG BIS SAMSTAG UM 20 UHR | NATURBÜHNE RALSWIEK AUF RÜGEN
Ticket - Hotline 0 38 38 - 31 100 www.stoertebeker.de

